

DE HOGERHUIS-SAEK

TOANIELSTIK
YN FJOUWER
BIDRIUWEN
FAN

D. A. TAMMINGA



DE HOGERHUIS-SAEK

"Errare humanum est;
nunquam errare divinum,
perseverare in errare diabolicum."

Mr. Cort van der Linden, minister fan justysje, yn 'e Twadde Keamer tsjin Mr. P. J. Troelstra.

DE HOGERHUIS-SAEK

TOANIELSTIK YN
FJOUWER BIDRIUWEN

FAN

D. A. TAMMINGA

FRONTISPICE FAN
JENTSJE POPMA

DRUKKERIJ LAVERMAN N.V. - DRACHTEN - 1950

OANWIZING

By opfieringen, dêr't foar de koarsang oan de ein fan it lêste bidriuw gjin gebrûk makke wurdt fan in bisteande grammofoanplaet, mar fan in koar, moat de wize fan „Morgenrood" songen wurde op ûndersteande tekst.

Dagerea, dyn súv're gloede
Foun nei ús syn treastlik paed.
Riis omheech, o moarntiidssinne,
Oer it folk yn nacht en skaed.
Wol dyn glâns ta hope meitsje
Har dy't stride yn tsjusterheit,
Lit har moed mei dij ûntweitsje,
Oant de takomst iepen leit.

It opfieringsrjocht fan dit toanielstik giet yn op 1 Jannewaris 1952. Bitingsten foar oanskaffen fan boekjes yn oerliz mei de útjower.

FOARWURD

De direkte oanlieding ta it skriuwen fan dit toanielstik hat west it deadsbirjocht yn 'e krante in jiermannich forlyn fan Wybren Hogerhuis, ien fan de Bitgumer Friezen, hwaens namme foar altyd forboun bliuwt oan de rjochtsaek, dy't neist in heale ieu yn Fryslân en fier dêrbûten safolle opskuor jown hat. In neijer yn 'e kunde kommen mei it wiidweidige feitemateariael bisterke myn bitinken dat yn dit proses gâns dramatyske stof stiket, gaedlik foar biarbeiding yn toanielfoarm.

Yn syn „Gedenkschriften" seit Mr. P. J. Troelstra: „Wie de Hogerhuiszaak bestudeert, maakt kennis met een typisch stuk kultuurleven van het einde der 19e eeuw".

It stik wol op 'e eftergroun dan ek in byld jaen fan de sterke politike spanningen, de misse en faeije maetskiplike tastannen en de fûle striid foar soasiale gerjochtichheit lyk as dy doetiids fierd waerd binammen yn Fryslân.

It sprekt fansels dat it moai gearstalde kompleks fan feiten, dat mei de Hogerhuis-saek mank is, gauris yngeand forienfâldige wurde moast. Omdat ik gjin rapport to skriuwen hie, mar in biwurking foar toaniel, haw ik it frij nommen en wyk hjir en dêr fan de wurklikheit ôf, sûnder lykwols de suggesty fan it gehiel skea to dwaen.

De nammen fan de persoanen yn dit stik binne, op dy fan de beide rjochters nei, authentyk. By de útbylding fan de karakters haw ik de frijheit fan de skriuwer jilde litten.

Gâns forhâldingen en tastannen, dy't yn dizze Fryske Dreyfusaffaire bleat komme, hearre ta hwat west hat. Mar de striid tsjin ûnrjocht en knevelarij is likegoed fan nou as fan doe. Ik haw de stille hoop dat de ynhâld fan it stik, los sjoen fan it histoaryske en it sensasjonéle, ek de minsken fan ús tiid hwat to sizzen hat.

S n i t s, Simmer 1950. *De Skriuwer.*

PERSOANEN:

Japke Hogerhuis ..... widdou.
Wybren Hogerhuis ..... har soan.
Marten Hogerhuis ..... har soan.
Keimpe Hogerhuis ..... har soan.
Klaske Hogerhuis ..... har dochter.
Gatse Haitsma ..... rintenier.
Ymkje Jânsma ..... húshâldster.
Paulus van Dyk ..... frachtrider.
Baron Braspenninck ..... rjochter-kommissaris.
Jhr. Ten Booscate ..... griffier.
Twa Marechaussée's.
Twa Fjildwachters.
In Sipier.

TIID EN PLAK:

Earste Bidriuw.

Wenkeamer Widdou Hogerhuis to Bitgum op Sinteklaesjoun 1895.

Twadde Bidriuw.

Wenkeamer Widdou Hogerhuis to Bitgum op Aldjiersdei 1895.

Tredde Bidriuw.

Kabinet Rjochter-Kommissaris to Ljouwert yn bigjin 1896.

Fjirde Bidriuw.

Sel yn Bysûndere Strafgefangenis to Ljouwert op Aldjiersdei 1899.

EARSTE BIDRIUW

(Earmoedige arbeiderskeamer by Widdou Hogerhuis to Bitgum; op eftergroun bedskut; bedsdoar lofts stiet yn 't kier; berneklean op stoel der foar; op oare stoel twa blaukilen; lofts klomkachel mei skoarstienmantel tusken twa finsters, hwerfan bûtenblinen ticht sitte; rjochts fan siden op eftergroun keamersdoar; op foargroun rjochts ienfâldich kammenet; njonken kachel in sjuddebak, in kuorke en in berneklompke mei hea; tafel mei wyt lekken der oer; petroaljelampe baernt dêr boppe; stuollen om tafel; ien reiden stoel lofts by tafel; rjochts oer flier twa jute sekken, ien hast fol, ien hast leech; it is Sinteklaesjoun 1895.)

1e TOANIEL.

(Frou Hogerhuis; Klaske.)

Frou Hogerhuis

(poket efkes yn kachel om, nimt tafellekken byinoar, skoddet krommels yn sjuddebak; hâldt lekken dêr't twa gatten yn sitte by lampeljocht; harket efkes by heal iepen bedsdoar; bisjocht nochris lekken; skodhollet sahwat guodlik-bigreatlik): Wel, wel, hat my dy flarde hjir syn lytse knûst ek al troch set. Dat is twa gatten yn ien wike tiid. Och, 't guod is ek suver gear.

(Tsjin Klaske dy't opkomt, al kichend en kielskraebjend, mei yn elke hân in itensboard, hwerop in kofjemok): O.... eh.... hienen de beide jonges de jounbrogge al op, Klaske?

Klaske

(koart, opstannich): Ja, mem. 't Is ek gau genôch bislikke, ien sa'n pille brea mei bargeriezel.

Frou Hogerhuis:

Hast ek frege, Klas, oft se hast yn 'e hûs kamen, Marten en Keimpe?

Klaske:

Noch in goed healûre, praette Marten, dan wienen se oan har taks foar hjoed.

Frou Hogerhuis

(soarchsum): En.... eh.... Keimpe! Hat dy ek wer hoaste?

Klaske:

Né, mar hij wie al wer trochplakt fan swit op 'e rêch fansels. Och, hwat hie dy jonge syn nocht skjin. Ik sil mem wol sizze, ús Keimpe dy lijt as in putheak op 't heden. It is gjin wurk, datselde braken. It frèt fleis!

Frou Hogerhuis:

Ja, Marten kin der better oer, tinkt my altyd.

Klaske:

Sok wurk? Yn dat nearzige hok? Gjin man dy't der oer kin. Keimpe net, mar Marten likemin. En gjinien arbeider hjir yn Bitgum en yn 'e hele bouhoeke net. Se sjogge der ommers út as geesten, al dy manlju. *(Kochelt wer.)* Bah, dy braekhokken? Je smoare hast yn 't stof. It heazget mij noch yn 'e keel en nou ha 'k der mar even west. *(Rint hoeden nei iepen bedsdoar; op oare toan):* Eh.... hat er de sliep al, mem?

Frou Hogerhuis:

De lytse jonge? Ik forbeelde it mij niis al dat er even lûd joech, Klas. *(Bisjocht lekken wer.)* Och, och, sa'n lytse dogeniet. Sjoch ris oan, Klas, twa greate gatten yn 't tafellekken.

Klaske

(hat efter bedsdoar harke; finger op lippen): Ssst!

Frou Hogerhuis

(yn harsels, minder lûd): Né, dit kin sa net langer. Dit moat earst makke. *(Siket stoppersark út kammenet.)* Sliept er noch net, Klas, dyn lytse jonge?

Klaske

(set bedsdoar wer yn 't kier): Sliepe wol, mem. Mar hij wrot wakker om. En hij bijeuzelt hwat yn 'e sliep, dat kin 'k net to plak bringe. Kaes, kaes, miende ik to forstean, en.... appe, appe....!

Frou Hogerhuis.

(bigjint mei lekken to stopjen): O, Sinteklaes syn happe fansels. Hij hie hjoed oars gjin praet. As it nou moarnier foar de lytse man mar gjin ôffaller wurdt.

Klaske

(bitter): Offallers, dêr sil dit jonge libbentsje ek wol ta wenne moatte.

2e TOANIEL.

(De oaren; Marten.)

Marten

(komt hastich op yn wurkersklean; sit ûnder 't stof; sjocht der bleek út; hat bûnte bûsdoek om lofterwiisfinger wuolle): Ju Klas, wyn hjir gau even in fodtsje om, ast wolste.

Frou Hogerhuis

(forheard): Hwat nou, Marten, in ûngemak yn 't braekhok?

Marten

(giet op punt fan stoel sitten): Och, 't is de muoite net iens wurdich, mem. Mar dat blieden is sa lestich. Kom ik fordomd krekt mei de finger yn 'e slypbraek. Krekt tusken de rechters. *(Tsjin Klas, dy't yn kammenet om lapke skrept):* Toe, Klas ju, it wurk driuwt!

Klaske:

Ja, ja. Kalm hwat, broerke, ik kin net tsjoene.

Marten:

O, mem hat dêr wol in âld fodde. Skuor dêr mar in stikje ôf.

Frou Hogerhuis

(guodlik-bearend): Jawis, fan ús lêste tafellekken, tink.

Marten:

Nou, dat 's ommers dóch stikken, sjoch 'k wol.

Frou Hogerhuis:

Ja jonge, dêrom meitsje ik it krekt. *(Bisjocht finger.)* Is 't ek pynlik, Marten?

Marten:

Makket neat út, mem. Mar dat bloed is hwat ûnhânsum. Dat mei fansels net yn 't skjinne flaeks komme. Oars hat dy boer Sneon wer allegear biswieren en is de heale fortsjinst nei gychem. En 't is doch al in koart eintsje, tsien stûren de bundel. Nou Klas, hoe komt it?

Klaske

(komt mei lapke, forbynt finger): Nou hjirsa, Hastichsma!

Frou Hogerhuis

(fielt Marten op rêch): Och jonge, hwat bist biswit!

Marten:

O, fiel mar net nei dat rûchskerntsje bij mij op 'e rêch. Dan moat mem Keimpe ris sjen, dat 's oars hwat! As hied er der yn sitten.

Frou Hogerhuis:

Woe 't oars hwat brake hjoed?

Marten:

Min. Striemin. 't Guod wie sa taei as hounehier. En dan mei dit dampe waer. De hûd moat der forgoed op. Au!!

Klaske:

Raes net sa. De lytse jonge sliept krekt. Sa! Klear!

Marten

(giet stiif oerein): Moaisa. Kreas. De dames wurde bitanke. En.... eh.... dokterske stjûrt Nijjier de rekken mar.

Klaske

(pleagjend): Pas mar op. Nijjier is 't gau. *(Kriget sjuddebak en jowt dy Marten oer.)* Sjoch, Marten, nim aensten meiïens hwat nije sjudden mei út it braekhok, ast wolste. Oars moat wy moarnier troch de kjeld.

Frou Hogerhuis:

Komme Keimpe en dou hast ris yn 'e hûs?

Marten:

It lêste bytsje noch swingelje en ribbelje, dan bin wy der. Wij meitsje de bundel fol, is 't doel.

Frou Hogerhuis:

Nou, dan daliks komme hear! 't Is op 't lêst ek Sinteklaesjoun!

Marten:

Sinteklaesjoun, ja, 't is ek sa. O, mar ik leau net mear oan dy âld burdman. Hij hat mij doch al lang ôfsâlte. Mar kom, ik sil der gau hinne, oars stiet Keimpe der allinnich foar. *(Tsjin Klaske mei forboune finger omheech):* Tanke Sinteklaes!! *(Giet ôf.)*

Klaske:

Ssst! Raes net sa!

Frou Hogerhuis

(wiist nei kuorke en klomp): Hast it sjoen, Klas? It mantsje hat syn kuorke al klear set. En de klomp mei hea stiet der bij.

Klaske

(kriget klompke fan flier, bisjocht it by lampe): Och, hwat hat sa'n bern al in snjit mei dat opsetten.

Frou Hogerhuis:

En omke Wybren him mar gleon en oanstutsen meitsje fansels.

Klaske:

O, dy Wybren mei syn forhalen oer Sinteklaes en de swarte feint en oer dy pipernútmole yn Spanje. De jonge wie alheel oerémus.

Frou Hogerhuis

(blier): Ja. Och, och, kaem er my niis mei sà'n toppe hea ta de keamer yn tôgjen. Sjoch ris, beppe, sei er, allegear foar Sinteklaes syn happe. Dy moat goed sêd ha.

Klaske

(taest yn prakkesaesjes yn hea om): Goed sêd, ja. As it bern yn syn libben sèls mar goed sêd krije mei. *(Suchtet.)* Hwat is 't dan al heel oars roun, as men earst forwachtet.

Frou Hogerhuis:

Net mimerje, Klas fanke.

Klaske:

Né....

Frou Hogerhuis:

Dou hast dyn jonge noch.

Klaske

(set klompke wer to-plak, set kuorke op tafel): Ja, dy ha 'k noch.

Frou Hogerhuis:

Silstóú syn kuorke klearmeitsje, Klas, of wol ik?

Klaske:

Der is net folle klear to meitsjen, mem.

Frou Hogerhuis

(wiist nei kammenet): Krij syn spultsjes mar even. Ien taeidinkje leit der foar him en dat pûdtsje mei swietekou dêr op 't middelste boerd. En strak wol ik noch even om sa'n botsens fluitsje. Dou hiest ek noch hwat foar him, seiste?

Klaske

(hellet ien en oar út kammenet en docht it yn kuorke): Ja, hjir ha 'k it. Dy âld gânzebrief foun ik noch mei twa dobbelstiennen. Juster boppe yn myn laed. *(Sarkastysk):* Better hwat as neat. Een kinderhand is gauw gevuld.

Frou Hogerhuis:

Hij is der grif like wiis mei as mei nij, ju. Sa bin bern. En ik leau al syn dagen dat Wybren ek noch in forrassing hat foar de lytse feint.

Klaske:

Us Wybren?

Frou Hogerhuis:

Ja, dy die sahwat tomûk de lêste dagen. Och, Wybren is ek sa gek mei dy jonge fan dij, Klas.

Klaske:

Gek? Gleon is er op Wybren. En omke Wybren is suver in heit foar him. *(kriget de hast lege sek fan flier; leget dêrút in heapke griene earte op tafel.)* Sa, de lêsten wer hjoed.

Frou Hogerhuis:

Hea, ik miende datst klear wiest mei eartlêzen.

Klaske

(set in pantsje tusken knibbels en lit dêr nou en dan hwat earte yn rûgelje): Dit stealtsje noch. Dan is de mudde wer fol. *(Wiist nei folle sek.)* Miskien kin ien fan 'e jonges dat sekfol strak noch even fuortbringe. Dan kin dy tolve stûren lean meiïens bard wurde. Eh.... hwer sit Wybren winliken, mem?

Frou Hogerhuis:

O, de fjildwachter kaem hjir niis to warskôgjen. Der wie yn 'e buorren in glês út in lantearne waeid.

Klaske:

En moast dat nou noch makke? Yn 't tsjuster?

Frou Hogerhuis:

Ja, de oare ferver wie nei Ljouwert, praette de fjildwachter. Wybren bliid fansels, dat er wer in pear sinten fortsjinje koe. Mar ik leau, dêr hear ik him al troch de stege. *(Gewach bûten keamer.)*

3e TOANIEL.

(De oaren; Ymkje.)

Ymkje

(komt op mei pakje yn hân; hwat draeijerich yn praet): Navend, frou Hogerhús! Sil 'k mar fierder komme? Navend.... eh.... Klaske....!

Frou Hogerhuis:

Och hea, Ymkje. Jò hjir noch op jountiid yn 'e buorren?

Ymkje:

Ja, frou Hogerhús, dat kaem sa, âlde Gatse hie hjir yn Bitgum hwat saken to dwaen, sjoch.... ôfrekkenje mei in pear arbeiders, leau ik wol, oer slatten of sa.... en doe sei ik, ik sei, dan gean ik mei dij.... gean ik mei jo, sei 'k.... ik sei, as it jo goed is, Gatse, dan gean ik yn 'e buorren even bij de sinteklaestafels lâns. Nou, en doe krige ik in ryksdaelder ekstra fan Gatse.... sa mar oer myn lean as hûshâldster hinne.... goeije man, Gatse Haitsma.... nou, en doe binne ik en Gatse hjir togearre nei Bitgum set.... En nou ha 'k ek noch even oan 't sjoelen west.... hi, hi.... *(hâldt pakje omheech)* en nou ha 'k wrampels ek noch hwat woun.... hi, hi.... In dimter koeke, kin 'k jo fortelle, frou Hogerhús.... en nou moast âlde Gatse noch even to skearen.... en doe sei ik tsjin Gatse, ik sei....

Klaske

(makket eartlêzen dien): Ja, ja, ja, just! Wolst net sitte, tink?

Frou Hogerhuis:

Mantel net even út, Ymkje?

Ymkje

(giet sitten): Né, frou Hogerhús, né, wier net, hear....! Hwant Gatse, âlde Gatse dan hè, dy soe mij hjir daliks weihelje, wit je? *(Leit pakje op tafel.)* En sjoch, Klaske, dit hie 'k tocht moast jou lytse jonge nou mar fan my ha ta Sinteklaes.... Ja, dat woe 'k nou sa ha.... Och, och, sa'n heal weeske hat oars ek al net folle, wier? It stumper.... It bigreatet my soms sa.... Ik sei lêsten noch tsjin Wybren, ik sei....

Klaske

(skout pakje biret werom): Né.... eh.... Ymkje, né, dit giet nèt oan.

Ymkje:

It helpt it stumper hwat foar de honger.

Klaske:

Hongerlije sil myn bern net salang as ik der bin. En dou kinst dyn eigen koarsten wol bite.

Ymkje:

Mar ik doch it fan myn eigen.... En nou krekt dy ryksdaelder ekstra fan Gatse....

Klaske:

Ja, âlde Gatse Haitsma dy hat se wol. Mar dit giet nèt oan. *(Wiist.)* Lykwols, de jonge hat al hwat yn 't kuorke.

Frou Hogerhuis:

Né, Ymkje, dit is to mâl. Ik helje aensten ek noch in dinkje foar 'm út 'e buorren. En dêrbij, hij krijt ek fêst noch hwat fan ús Wybren.

Ymkje:

O just.... eh.... Wybren. Is.... eh.... Wybren net thús, frou Hogerhús?

Frou Hogerhuis:

Hij hie noch in putsje op oare ein fan 't doarp. Mar ik forwachtsje him al gau.

Ymkje:

O, just, frou Hogerhús, o just. Né, ik tocht sa, ik tocht, sjoch, miskien woe Wybren wol mei nei de Pôlle, mei mij en Gatse joun.... Ik woe mar sizze, dan hie Gatse, âlde Gatse ek hwat oanspraek, wier? En.... eh.... nou ja, 't is helendal hwat geselliger, is 't n't sa? Foar mij ek, siz mar.... hi, hi....! 't Is op 't lêst ek mar ienkear sinteklaesfeest, wier?

Klaske

(leget earte yn folle sek, teart lege sek op, docht dy ûnder earm, kriget pantsje yn oare hân): Gesellichheit kin men net fan libje. En feestfiere is 't de tiid net nei. Dêrbij, Wybren wol joun noch mei Marten en Keimpe to murdjeijen, ha 'k wol heard. Dat dêr sil neat fan komme, om mei dij nei de Pôlle.

Ymkje:

Och, sil Wybren mei syn beide broers to murdjeijen. Brr, kâld baentsje, sok nachtwurk. Ik gong al sa leaf mei nei de Pôlle ta as ik Wybren wie. De kachel is bij ús lekker waerm.

Klaske

(wiist nei kachel): Hjir baernt er ek, al bin 't mar sjudden. En it giet om in krom fortsjinst.

Ymkje

(gysgobjend): 't Wie foar mij oars ek hwat fortrouder mei Wybren der bij, woe 'k mar sizze.

Klaske

(skerp): Hoe sa, fortrouder foar dij?

Ymkje:

Nou, dat witte jo ek wol, Klaske. Men heart tsjintwurdich hieltyd fan nachtbiddelerij en fan stellerij en sa. Wit jo wol, Klaske? Nou, en dan is 't sa aeklike iensum op 'e Pôlle. Dan meitsje ik mij soms sa séénuwachtich, ja wier....!

Klaske

(ironysk): Se stelle dij fuort net! *(Giet ôf.)*

Frou Hogerhuis:

Jo moat Klas mar net to folle acht slaen, Ymkje. Dy hat it ek net maklik as jonge widdou.

Ymkje:

Né, frou Hogerhús, né hear, dat is ek sa. Hwat hat frou Hogerhús dêr ûnder hannen, as 'k freegje mei. In lekken?

Frou Hogerhuis:

Us tafellekken, ja. Dêr sieten twa greate gatten yn. En it spul moat op 'e tiid wer heel en skjin, wier?

Ymkje:

Lekkens oer de tafel, dêr piele wij net mei op 'e Pôlle. Mar ja, Klaske dy sil sa wol wolle, tink? Dy wie dat foarhinne fansels sa wend.

Frou Hogerhuis:

It yt hwat himmelder, Ymkje hè, mei in lekken oer 'e tafel. Dit is noch út 'e tiid doe't wij de winkel noch hienen. *(Suchtet.)* De goeije, âlde tiid. Men hinget oan sokke lytse dingen, Ymkje.

Ymkje:

Ja, hè? Wybren net, wol frou Hogerhús?

Frou Hogerhuis:

Jawis al, Wybren ek. Wybren tige!

4e TOANIEL.

(Frou Hogerhuis; Ymkje; Wybren.)

Wybren

(komt op mei glêzekast op rêch lyk as fervers brûke en set dy yn in hoeke del; hat in lantearntsje op boarst hingjen dat er letter foarwei docht en op tafel delset): Sa, dat 's wer klear. Dy strjitlantearne kin wer baerne.

Frou Hogerhuis:

Koest it bidikerje, Wybren, yn 't tsjuster?

Wybren

(sjocht even om bedsdoar): Jawol, ik hie myn lantearntsje bij my. *(Sjocht Ymkje sitten.)* Hwatte....? Dou hjir?

Ymkje:

Ja, Wybren it is Ymkje, hear! Helendal, hi, hi, hi! Dat kaem sà, âlde Gatse hie hjir yn Bitgum hwat saken to dwaen, sjoch, ôfrekkenje mei in pear arbeiders, leau ik wol, oer slatten of sahwat.... en doe sei ik tsjin Gatse, ik sei....

Frou Hogerhuis

(leit lekken oer stoel; makket risselwaesje om ôf): Ja, Ymkje kaem hjir winliken om dij, Wybren.

Wybren:

Om mij? Dat.... dat kin net.

Ymkje

(fluensk): Nou ja, nou né, sjoch.... dat wie sà.... Ik hie in ryksdaelder ekstra krige fan Gatse, sjoch... Fan âlde Gatse dan, hè, bidoel ik, woe 'k mar sizze... En doe... eh...

Wybren

(skerp): In ryksdaelder ekstra. Dat 's de earste ek net. Lêsten ek al.

Ymkje:

Ei nou, Wybren ju, it is ommers Sinteklaes hjoed. Nou, en doe sei Gatse tsjin mij...., Pym, sei er.... dou moatst.... der net oer....

Wybren:

Dus âlde Gatse Haitsma neamt dij altyd noch sa? Pym?

Ymkje:

Né, ek wol faek Ymkje, hear, meastal Ymkje, hear!

Wybren

(tsjin frou Hogerhuis dy't ôf sil): Hwat sil mèm?

Frou Hogerhuis:

Moat noch even it doarp yn om sa'n botsens fluitsje foar de lytse jonge. 't Is my sa hast keal genôch. Tinkst even om 'e kachel, Wybren? Daliks komme Marten en Keimpe út it braekhok en dy jonges binne biswit. *(Sjocht efkes om beds-doar; giet ôf.)*

Ymkje

(kriget pakje fan tafel en leit it yn kuorke): Sa, tocht ik. Hat de lytse jonge ek hwat fan muoike Ymkje op Sinteklaes.

Wybren

(strak): Muoike Ymkje! Hij ken dij net iens.

Ymkje:

O, mar dat komt fansels. It kin my soms sa bigreatsje om sa'n heal weeske, wier? Gjin heit mear. O, ik moat der net oan tinke!

Wybren

(earnstich): Ymkje. Hwerom pleagest my sa.

Ymkje:

Ik dij pleagje, Wyb? Hoe sa....? Ik.... eh....

Wybren:

Dat kinst witte. Troch hjir to kommen. It wie goed ôfpraet, it soe út wêze tusken ús, forgoed út. En de reden witste.

Ymkje

(fluensk): Mar Wyb, dat wie doe. Hâldst dan net in heel lyts bytsje fan mij? Fan dyn Pym?

Wybren:

Pym! Sa hjitstou net. Lit âlde Gatse dij sa neame. Ikke net.

Ymkje:

Mar dou hast wolris o sa leaf foar mij west, Wyb. Ik sei juster noch tsjin Gatse, ik sei....

Wybren:

Lit âlde Gatse rêste. Ik ha my forsind. Dêrmei út.

Ymkje:

Och Wybren, mar yn ús forkearing dan seist ommers wol, dou seist....

Wybren:

Forkearing! Hwatst forkéáring neamste.

Ymkje:

Nou ja, ús omgong dan. Dan seist ommers wol, dou seist...

Wybren:

Ik ha dij sein, hwat ik sizze k o e. Noch al in t i i d tsjintwurdich foar ús soarte om forkearing to hawwen. Of omgong. Noch al in t i i d om in húshâlding op to setten. Yn dizze rottige maetskippij mei it jild op greate heappen.... En dat op plakken dêr't it net heart... Earmoed... illinde... oeral...

Ymkje

(rint op him ta; leit leidich earm om syn skouder): Och Wybren ju, nou joun net oer dy minne tiid prate. Toe, Wyb, net sa stiif....

Wybren

(wart har ôf): 't Is gjin stivens bij mij.

Ymkje:

Mar dy minne tiid kin i k doch neat oan dwaen? Dêr kin ommers gjinien foar. Dat seit Gatse ek.

Wybren:

Ja, sa praet it kaptael der oer. De bisittende klasse. En de lju sûnder omtinken en trochsicht prate harren nei.

Ymkje:

Mar ik ha as húshâldster bij âlde Gatse ommers moai hwat oergarre. Dat ha 'k dij sjen litten. Sà'n hoas fol. Allegear ryksdaelders.

Wybren

(forachtsum): Ik bigear âld Gatse syn smoarge ryksdaelders net.

Ymkje:

Mar it bin minen, allegear minen. En it kinne dinen wurde, Wyb leave. Earlik fortsjinne bij Gatse.

Wybren

(efkes neitinkend): Allegear dinen? Ek al dy ryksdaelders ekstra?

Ymkje:

Ryksdaelders ekstra?

Wybren:

Ja, dystou oan ien wei fan dyn breahear krijste. *(Komt ticht by har.)* En nou wol 'k it witte. Nou sil 't der út. Earlik fortsjinne bij Gatse, seiste, wier? Ja, fortsjinne wol! Mar.... earlik? *(Sjocht fluch om nei bedsdoar; ynhâlden forheftich):* Dêr leau.... ik.... neat.... fan....! Dêr.... leau.... ik.... gjin.... bliksem.... fan!!!

Ymkje

(skrillet tobek): Gatse is in goeije man! Mei ik dan ek al gjin ekstraetsje mear oannimme?

Wybren:

Ja, mar hoe! Hwerfoar!!

Ymkje

(bigjint hoe langer hoe lûder kleijerich en hystearysk to roppen): Mar.... mar mei ik dan neat mear....? Wolst mij alles forbiede....? It wie doch Sinteklaes, net....? En as Gatse it nou sa ha wol....? Dy earme man is ek altyd sa allinnich.... En op 'e Pôlle is it altyd sa iensum.... sa.... sa stil....! En de jounen binne sa forfelend en sa lang! En dou bist ek altyd sa stiif en sa.... sa presiis....! O, dou makkest mij sa séénuwachtich....! Sa raer....! O sa raer....! Ik bin mar in earm skippersfanke.... en ik stean altyd allinnich.. Helendal allinnich....! En jimme sitte mar tsjin mij oan.... Dyn suster Klaske ek.... Altyd like koart en forkeard tsjin mij.... En nou dou ek....! Ja, dou ek....!!

Wybren

(is nei bedsdoar roun; slút dy; giet der foar stean): Stil siz ik dij. De lytse jonge.

Ymkje

(giet troch mei roppen, mar nou lilk): Hwat kin 't my skele....! Hwat ha 'k mei dy tjirmer fan jim Klas to meitsjen.... Dy heale oerwinneling.... Ja....! Dat sil wol krekt sa'n hurdkop wurde as jim hjir allegear....! Hwat kin 't mij skele, hwat jim hjir fan mij tinke....! En hwatstou fan mij tinkst...! Mar dy ryksdaelders bin minen, hearste, allegear minen.... minen....!! En dêr silstou dy noch ienkear de fingers nei slikje....! Ja, de fingers nei slikje....! Kom hjir dan mar òm yn 'e earmoed en illinde....! Dou en dyn mem en Klas en dy hjerstkat dêrre

en.... en Marten en Keimpe en de hele brot. Mar dou krijst se net, myn ryksdaelders....!! Dou krijst se noait, hearste, noait....!!! *(Brekt út yn gesnokker.)* O, myn earme séénuwen....!!!

Wybren

(bynt him mei geweld yn): Wij binne útpraet. Dêr is de doar!

Ymkje:

Is dat it lêste hwatst to sizzen hast?

Wybren:

It alderlêste, ja. *(Hwat lûder):* Dêr.... is.... de.... doar!! *(It is efkes stil, Ymkje droeget har triennen.)*

5e TOANIEL.

(Wybren; Ymkje; Gatse Haitsma.)

Gatse

(docht doar in eintsje op; struit pipernuten ta keamer yn; mei leech lûd efter doar): Sijn hier ook ondogense kinders? *(Struit wer; bliuwt noch efkes ûnsichtber; komt op mei healfolle pûde yn hân):* O.... eh.... wienen jim it.

Wybren

(koart): Hienen jo hjir óáren forwachte, Gatse Haitsma?

Gatse:

Nou, och né. Mar ik hie jim wol hwat tichter bij mekoar forwachte. Dat kin 'k mei in wurd fan wierheit sizze. 't Is echt fan dat oankrûperswaer. Ha, ha! *(Tsjin Ymkje):* Of hoe is 't, âld strykizer, hast dyn gerak soms al hawn? *(Tsjin Wybren):* Né, Wybren, dat sit sa, ik tocht éefkes dy lytse spreut forrasse mei in pipernút. Eefkes struije, tocht ik sa. Ja, dyn suster hat hjir doch sa'n stikje beuker omstappen, net?

Wybren

(strak): Klas har lytse jonge is al yn 'e rêst.

Gatse:

O ja, fansels. Nou hawar, dan doch ik it hjir mar bij. *(Leit pûde yn kuorke.)* Dit is de jongkeardel syn sinteklaeskuorke, tink? *(Sjocht yn kuorke.)* Ek al net folle hwat sa'n bern krijt, wier?

Wybren

(jowt Gatse pûde werom): Wij rêdde 't hjir wol sûnder dyn presintsjes, Gatse Haitsma. Jow dit Ymkje mar. Dy is gleon op ekstraetsjes.

Ymkje:

Geméén soks...! Och Gatse leave, nou moast ris bigripe...

Gatse:

Hea ja, Pym, toe ju, âld stuoltsjeklok. Hwat skeelt dy! Toe gau, sykje dy pipernuten ris op foar mij en Wybren. *(Lûkt Ymkje oerein en jowt har gekjeijend in klap foar 't efterst):* Hup, âlde kêdde!

Ymkje

(sjocht forgrimend nei Wybren): Lit har hjir dy mannich nuten mar opfrette, Gatse! *(Grypt yn kuorke; hellet har pakje der út.)* Mar dit is minen! Minen....! Dit krije se net....!

Gatse

(forbauwerearre): Hwat.... hwat nou....?

Ymkje

(falt Gatse heal om 'e hals): Och Gatse, leave, ik sil 't dij bûtendoar wol fortelle.... Kom mar. *(Giet nei doar.)*

Wybren

(mei ynhâlden lilkens): Foar de alderlêste kear: dêr.... is.... de.... doar!

Ymkje:

O, myn earme séénuwen....!! *(Giet hastich ôf.)*

Wybren:

Dy doar is der ek foar dij, Gatse Haitsma!

Gatse:

Mar hoe.... mar hwat.... ik bigryp net.... Hwat is der allegear oan?

Wybren:

Dat sil „Pym" dij strak wol fortelle. En oars fannacht wol! Dat is dúdlik, net?

Gatse:

O.... eh.... hat se.... praten, dat sma-fanke....?

Wybren:

Né, ik ha neitocht.

Gatse

(bitinkt him efkes; dan laitsjend): O.... eh.... mar Wybren jonge, dat fine wij wol togearre. *(Taest yn bûse en toant jildstik.)* Is.... eh.... in ryksdaelder genôch of moat der mear komme?

Wybren

(komt op him ôf; sil him nei strôt fleane, mar hâldt him noch krekt yn): Hwatte...? Hwer sjochst mij foar oan...! Ik walgje fan dyn fize, stjonkende ryksdaelders, hearst dat? Mienst dat 'k.... dat 'k in huorrebaes bin....? Fuort....! Der út....! Dalik....!

Gatse

(kel tobekskriljend): Un.... bi.... gryp.... lik....! *(Giet hastich ôf.)*

Wybren

(rint keamer op en del): Bah....! Hwat in tastân dêrre...! *(Slacht himsels mei fûst foar de holle.)* Dat ik dât net earder seach....! Slûgert dy 'k wie....! Ezel....!!

6e TOANIEL.

(Wybren; Klaske.)

Klaske

(komt op mei sjuddebak en set dy by kachel): O, is se fuort, it spook fan 'e Pôlle?

Wybren

(rint noch op en del): Ja, dy is fuort.

Klaske:

Nou, en bistou net mei?

Wybren

(skopt pipernút fuort): Ikke net.

Klaske:

Se hie 't der oars oer, se woe dij mei ha nei de Pôlle. *(Baut Ymkje nei.)* Foar de séénuwen, sjoch....! It skepsel hie soarch, leau 'k, dat se har fannacht stelle soenen. Hnn. Moai petret om to stellen. Oeh, foar gjin jild ta!

Wybren

(yn prakkesaesjes): Jild ta, ja, jild ta....

Klaske:

Ik ha tsjin har sein datst joun mei Marten en Keimpe to murdjeijen soeste. Dat wie 't doel dochs?

Wybren:

Dat is 't doel, ja. Tominsten as Keimpe der net ôfsjocht.

Klaske:

Keimpe kin better thúsbliuwe. Dy jonge is sa wurch as in maits. Hij koe de rêch niis hast net mear rjochtsje.

Wybren:

Bah!

Klaske:

Ja bah, siz dat wol. Dy braekhokken? It giet om dea.

Wybren:

Ja.... mar.... dat bidoelde ik nou net. *(Op oare toan.)* Klas, hear ris!

Klaske:

Nou?

Wybren:

Ik ha myn lêste stap dêr bij Ymkje op 'e Pôlle set.

Klaske:

O, sjochst it einlings yn? Dou hast dêr al fiersto to lang dyn kommen hawn. Dat ha 'k dij faker sein, Wybren. *(Trapet earne op en bûcht har.)* Hwer traepje ik dêr op? In earte? Né, wrychtich, in pipernút. En dêr leit noch ien en dêr noch ien?

Wybren:

Ja, dy âlde hat hjir oan 't healwiizjen west. Hij woe dyn lytse jonge ris forrasse, biëamele er.

Klaske.

(siket pipernuten ien foar ien op): Wybren, dou hast doch neat fan him oannommen, hoopje 'k?

Wybren:

Nou, hwat tochtste. Wij ha hjir gjin forlet fan.... fan ekstraetsjes. *(As Klas him skerp opnimt.)* Né, wier Klas, ik ha neat oannommen. *(Wiist.)* Sjoch mar yn 'e jonge syn kuorke.

Klaske:

O, dan is 't goed. En is nou wier alles út tusken dij en dat.... dat guozzegat?

Wybren:

Ja Klas, alles.

Klaske

(smyt pipernuten sahwat fizich yn kachelslaed): Gelokkich. Ik bigriep dij ek net de lêste wiken, Wybren. Datst dêr hwat yn seachst. Mar dat doocht dêr net, broer, op dy Pôlle tusken dy twa.

Wybren:

Dêr ha 'k nou de biwizen fan. O, ik kin mysels wol foar de kop slaen. Blyn ha 'k west.... Wiken lang. Mar lit ús hjir yn 'e hûs der net mear oer prate, Klas, gjin wurd mear! Sil wy?

Klaske:

Dy twa bin mij ek gjin praet wurdich. *(Rint op bedsdoar ta.)* Och, sjoch nou ris, dy lytse beuker. Hwat docht dy bedsdoar ticht?

Wybren:

O ja.... Nou, och, Ymkje. Dy is fansels gjin bern wend.

Klaske

(set doar wer yn 't kier): O, bigryp it al. Hat se har tige oansteld? Allegear séénuwen, hoe wie 't?

Wybren:

Och Klas, ast it goed bisjochst, it is eins in stumper, dy hele Ymkje.

Klaske:

Hm. Mar dy âld Gatse, dy gleije rintenier, dat is gjin stumper. Ja, in jildstumper miskien.

Wybren:

Gatse Haitsma is in smjunt. Mar Klas, nou ha wij 't al wer oer dy twa.

Klaske:

Goed, gjin wurd mear der oer. Ju Wybren, wolstou hwat foar mij dwaen? Sjoch, dy mudde earte stiet der noch. Wolstou dy net even fuortbringe? En meiiens even dy tolve stûren barre, witst wol?

Wybren

(bynt strop fan sek ticht): Yn oarder. Jow dou mij dy sek dan daliks even op, ast wolste.

Klaske

(heart efter skermen hounen blaffen; harket): Dêr koe wol in hounekarre stean bliuwe foar de stege.

Wybren:

O, Paulus frachtrider fansels.

Klaske:

Paulus van Dyk? Dan is dy ek let mei fracht út 'e stêd. Hwat soe dy hjir wolle?

Wybren:

Tja, ek pipernútstruije, tink.

7e TOANIEL.

(De oaren; Paulus van Dyk.)

Paulus

(komt op mei bernekroadtsje en houneswipe yn hân): Joun jimme!

Wybren:

Goeije, Paulus. *(Tsjin Klaske):* Hwat ha 'k dy sein, Klas. 't Wie 'm wòl.

Klaske:

Goejoun, Paulus. Ja, Wybren hearde it oan dyn hounen. *(Bûcht har om sek op to jaen.)* Nou Wybren, klear?

Paulus

(set kroadtsje op tafel): Nou, nou, hwat in swierrichheden. Moat Wybren dy sek op ha, ja? Hou, fanke, lit mij mar. *(Tikket har mei swipe tsjin efterst.)* Fuort ris even. O, né? Kom, dit is gjin frouljuswurk, dit is frachtriderswurk.

Klaske

(bliuwt krom stean): Gjin frouljuswurk? Poeh, muoite pine, sa'n mudtsje earte.

Paulus:

Hwat wer in steil wurd. Myn wiif koenen se der wol oan fêst bine, oan sa'n sekfol guod. *(Kidelet Klaske ûnder earms, dat dy hommels oerein stean giet.)* Ha, ha! Sjoch, Wybren jong, sa moat men nou mei froulju!

Klaske

(bytsje lilkich): Nou siz! Molestear dyn eigen wiif. Skamje dij hwat!

Paulus:

Mij skamje, fanke? Dat ha 'k ienkear dien. Dat wie doe'k der kaem, hwant doe hie 'k neat oan, sjoch! Ha, ha! Mij skamje, en dat ûnder goeije freonen.

Klaske:

Ja, goeije freonen. Mar hannen thús. Gjin grappen.

Paulus:

O, hwat is de jonge frou wer steech en batsk yn 't oankommen. Bist al óárs as dy ûlewabbes dêr fan 'e Pôlle. Dy kaem ik niis op 'e dyk tsjin mei har âld rintenier. Elkoar stiif yn 'e earm. Ha, ha! Moai gesicht foar in stikken rút.

Klaske:

Hn. Slodske....!

Wybren

(tyspelet noch mei sek om): Nou, sil 't wêze? Paulus, dou mar even.

Paulus:

Ja, mar hwat bimale wij ek mei dat sekfol guod. Myn karre stiet ommers foarhûs. Dêr lizze wij de bringst strak kreas op. Mar.... eh.... sjoch hjir nou earst ris. *(Wiist mei swipe nei kroadtsje.)* Dêr ha wy de pop, sei pastoarske. Haw ik goed boadskip dien, Wybren, ja ofte né? Is dit in kroade of is dit net in kroade! Bin ik frachtrider of bin ik it net?

Wybren

(bisjocht kroadtsje): Dit liket der op, jong. Dus der wienen noch wol guon yn Ljouwert?

Klaske

(rydt kroadtsje oer tafel hinne en wer): Och, hwat in aerdich boartersding. Hwer moatst dêr mei hinne?

Paulus:

Ek in fraech. Hjirhinne fansels.

Klaske:

Mar... eh... *(Sjocht Wybren oan dy't laket.)* Wybren... dou? Foar de lytse jonge?

Wybren:

It is hjoed Sinteklaes, wier?

Klaske:

Och jonge, krekt hwer't de lytse man sa'n bistek op hie. In kroade op Sinteklaes. Dat sil der bijstean moarnier. Ja, mem sei it al, dou hiest hwat yn 't sin. Mar ditte... né... *(Ynienen earnstich):* Mar Wybren, dit moat net.... dit is to mâl.... de sinten....!

Wybren

(set kroadtsje yn kuorke): Dit woe 'k nou sa ha. Soks komt it bern ta. De sinten....? Mar ha 'k dy net sein fan dat murdefel? Dat ha 'k ommers forkocht fan 'e wike. Né, gjin neipraet oer de sinten. It is bitelle. *(Tsjin Paulus):* Dou koest der komme fan dat jild?

Paulus:

Op 'e kop ôf krekt. Och, dy forflokte sinten....? Dêr moasten wijlju noait wer oer prate. Noait in kear!

Klaske

(gnyskjend): Dan soe 't wol moai komme, rekkenje 'k.

Paulus:

Dan kaem it klear. De sinten.... it kaptael? Dat moat útroege wurde mei woartel en ierde! Forgoed! Hwat seit Domela Nieuwenhús? Jild is it forgif fan ús maetskippij! Dat seit er.... En sa sit it!

Wybren:

Ik sjoch dat even oars, dat witst wol. It jild, it bisit is net goed forparten yn 'e wrâld. It kaptael sit op greate heappen. En dêrom is ús maetskippij sa rottich en sa forkeard. Dat moat earst yn oarder en dan it oare.... Dan komt der in nije tiid.

Paulus

(slacht nou en dan mei swipe op tafel): En ik siz: fuort mei de hele brot. It bern moat mei de keizersneed helle wurde. Oer bloed en liken. De swipe der oer!

Klaske:

Hou, hou, mar elk hinget doch oan syn eigen dingen. De arbeider ek. Toe, Wybren, hoe seit Piter Jelles it hast ek wer? Dou witst wol, oer dy trije dingen yn it libben.... Toe....

Wybren:

O.... eh.... „Yn kringen leit it libben om ús hinne, It húsgesin, it heitelân, de wrâld...." Dàt bidoelste.

Paulus:

Moai said, maissie, sêgge se op 't Bil. Mar ik freegje: hwer soe in arbeider oan hingje? Dy hat ommers neat. It heitelân? Hingje ik oan myn heitelân? Ha, ha! Myn heit hat gjin lân!

Wybren:

Ja, mar hear ris, Paulus jong....

Paulus:

Even geduld. Wit jim hwat Domela seit? Dy neamt ek trije dingen. Trije dingen, seit er, moatte de wrâld út: de t r o a n, de b e u r s en it a l t e r. Dy trije. En sa sit it.

Klaske:

Dan soe 't wol in greate wyldeboel wurde.

Paulus:

Dat moat ek.

Wybren:

Né, it stelsel moat brutsen wurde. It kapitalistysk stelsel. Dêr moat de swipe oer. En dat moat troch ienheit en troch organisaesje. Silst sjen, oars moat de arbeider it dòch wer bilije.

Paulus:

De arbeider? Dy is altyd it bokje. Dy wurdt forkocht en levere dêr't er libben bij is. En dêrom: àlles oer de kop. Neat mear mije. Alle middels brûke! Dy âlde wetboeken? Moasten allegear forbaernd wurde. En dy't nèt hat, dy nimt fan hwa't wòl hat!

Klaske:

Mar soks mei ommers net.

Paulus:

Hwa makket dat út? It is rjocht. It rjocht fan it prolterjaet. Ik sil in foarbyld nimme. Klas hat in lytse jonge. Dy moat in kroadtsje ha. Mar Klas mei 't net barre. *(Wiist nei kroadtsje.)* Ja goed, dit is nou kocht en bitelle.... Mar Klas giet nei de winkel en nimt sa'n stikje boartersguod mei, wier? Soks is rjocht!

Klaske

(laitsjend): Wij soenen gau de plysje om 'e doar ha.

Paulus:

Plysjes? Dy steane likegoed yn tsjinst fan it greatkaptael. Dêrom siz ik: Nim en yt! Goed.... Oar eksimpel. Ik ha gjin ierappels yn 'e kelder. Mar ik kom ûnderweis mei myn karre bij in ierappelheap lâns. Ien fan sa'n grouwe bouboer. Hwat tochten jimme, dat ik net ta dy ierappelbult gean? Ha, ha! Hwat tochten jimme, dat ik op 't heden net in moai stealtsje yn 'e karre ha? Ha, ha! Paulus frachtrider is syn eigen Sinteklaes, hear! Nim en yt! Dàt seit Domela. En sa sit it!

Klaske:

Mar Paulus jonge, soks.... dat.... dat is.... s t e l l e n!

Paulus:

Stellen, fanke, dat wurd ha de kapitalisten útfoun. Om de earme lijers yn 'e stokken to hâlden.

Wybren:

Nou slachst troch, Paulus jong. Hâld nóú mar op.

Paulus:

Ik sil 't jim sterker fortelle. *(Hellet krante út bûse en teart dy op tafel iepen.)* Hjirsa! Hjir ha 'k it lêste nûmer fan „DE ROADE DEUVEL".

Klaske:

De Roode Duivel? Is dat dat blêd fan Domela Nieuwenhús?

Paulus:

Né, né, dat hjit Recht voor Allen. Dit is DE ROADE DEUVEL. It lêste nûmer. Sjoch, hjir lies ik hjoed sa'n knap advertinsje yn. *(Wiist.)* Ja, sjoch dêrre. *(Lêst lûdop):* „Jongedochters der Arbeiders! Geeft op den Sint-Nicolaasavond aan Uwe beminden één fuurwapen cadeau. Het sal hen nuttig sijn in den strijd foor de ferlossing eut de slavernij!" Nou, hwat siz jim nou? Dat is tael, wier?

Klaske

(forheard): Mar keardel, dat is ôfgryslik! Dat.... dat is moard....!

Wybren

(rint wer nei sek ta): Sille wij der mar oer ophâlde? Dy mudde earte moat noch fuort.

Paulus

(teart krante op en stekt him yn bûse): Moard, seiste fanke? Dat 's ek wer sa'n kapitalistewurdtsje. Sjit se yn 'e hûd, dy rike skevels.... dy blaubloedige útsûgers....! Ja!

Klaske:

Mar de plysje.... it rjocht....

Paulus:

Ik bin myn eigen plysje en myn eigen rjochter. Of tochtst, fanke, dat ik net sa'n blafferke bij my ha? *(Hellet revolver út bûse.)* Hjirsa.... In gloednijen-ien, hear! Mei njoggen millimeter kûgels. Sjoch, dat is nou m y n presintsje. Ha 'k mysels hjoed op Sinteklaes jown. *(Rjochtet laitsjend revolver op Klaske dy't tobekskrillet):* Je geld of je leven! Né, stil mar, fanke hear, dêr bistou my noch to goed ta.

Wybren

(is wer nei tafel roun; leit hân op revolver): Fuort mei dat ding!

Paulus:

Ha, ha! Hij is fansels net laden.

Wybren:

Kin neat skele. Fuort mei dat ding!!

Paulus

(bisjocht wapen mei wolgefallen; stekt him yn bûse): Ferlossing eut de slavernij.... *(Rint nei sek ta, tsjin Wybren):* O ja, dy woest ommers fuort ha. *(Pakt sek fan ûnderen beet.)* O, it binne earte. Jim ha doch fêst wol in mieltsje foar jimsels der út hâlden, wier?

Klaske:

Hoe komst der bij.

Paulus

(pleagjend): O né, soks is ommers s t e l l e n! Moai spul oars, net? Klas har blau eartlêze foar dy grouwe boeren en sels der fan foarbij.

Wybren

(wachtet mei sek, klear om to tillen): Nou, hoe komt it?

Paulus

(jowt Wybren sek op): Ien twa, hupla! Toe mar, bealch, moarn krijst potstrou. Liz him mar bij mij op 'e hounekarre, Wybren jong! Sjou der mar net to fier mei. *(Wybren giet mei sek op rêch ôf; Paulus sil ek ôf; komt werom; wiist op kroadtsje):* Ju Klas.... eh.... dy stûr fracht is noch net bitelle, hear!

Klaske:

Net? Nou, siz dat dan earder.

Paulus:

Lit mar sitte, leave, hear! *(Pakt har beet.)* Jow mar in tút, dan bin wy lyk. Ja, ik ha my juster krekt skeare litten....! In lyts skearderstútsje!

Klaske

(wart him ôf): Hannen thús, ast dat mar wist. Hnn, dou as troud man.

Paulus:

Troud man? Dat seit my neat.

Klaske:

Dat seit safolle, datst fan mij ôfbliuwe moatst. Of is dat ek in kapitalistewurd soms, troud man? Moat soks ek ta de wrâld út?

Paulus:

Jawisse, hwat oars. Dat ek. Alles moat oer de kop. *(Klapt mei swipe.)* Krûpe sille se, krûpe....! As hounen....! As wjirmen....! *(Wiist pleagjend op syn bûse.)* Mar ik bigryp it wol, fanke hear! Bist fansels noch in bytsje bang, hè, fan dat blafferke hjirsa.... Dat lampútblazerke, hè?

Klaske

(giet ta kammenet): Bang bin ik net. Mar ik wol myn forstân al graech brûke. Der is mei dij net to praten. Kom, ik sil dij dyn jild jaen. Elk sinen. *(Paulus sneupt wilens yn kuorke; nimt tomûk hwat út pûdtsje; stekt it yn mûle; efter skermen geblaf fan hounen.)* Hearst wol, dyn hounen blaffe om 'e baes. Mar gau hinne. Hjir is dyn fracht. *(Jowt him stuorke oer.)* Hwatte? Slynstou fan de lytse jonge syn sinteklaes? Nou moatst dy doch wier skamje as great keardel!

Paulus

(mei folle mûle): Och, in grapke, Klas ju, in grapke. Hwat nimstou doch alles altyd heech op.

Klaske

(mear fortrietich as lilk): Hnn. In lyts bern bistelle. Hwa leart dij soks? Domela Nieuwenhús n e t, dat wit ik wòl!

Paulus

(bij de doar; kôgjend): Domela? Ha, ha! Jawis al. Nim en yt, wier? Nim en yt....! Ha, ha! *(Giet hastich ôf.)*

Klaske

(skodhollet, set kuorke mei kroadtsje by kachel, harket efkes by bedsdoar; kriget berneklean fan stoel en bigjint dy nei to sjen): Och, och....!

8e TOANIEL.

(Klaske; Marten; Keimpe.)

(Marten en Keimpe komme op yn 't boesgroentsje mei heal opstrûpte mouwen; beide bleek; Keimpe roungear en wurch; Marten hat skjinne skeppe by him en set dy tsjin bedskut oan; Keimpe droeget hannen ôf oan blaurútsjese skûlk en jowt dy Marten oer dy't itselde docht en skûlk op tafel smyt; beide krije in blaukile fan stoel en dogge dy, stiif, oan; Marten helpt Keimpe.)

Klaske:

O, einlings en to'n lêsten.

Keimpe

(dof): Ja, 't is bislikke. De bundel is fol.

Marten:

Trêddel bundel hjoed, Keimpe en ik togearre. Net folle, fan fan 'e moarn fjouwer ûre ôf.

Klaske:

Dat 's minder as juster, net?

Marten:

Ja, in heal bundel. Sok biwurklik flaeks ha wy noch net yn 't hok hawn. De hele hûd der op en noch woe 't net brekke en skiede.

Keimpe:

't Guod is lang n't goed oanrotte....

Klaske:

Och jonges. Nou, mar gau sitte. Eh.... ik ha myn mudde earte ek dien. Wybren bringt him even fuort.

Marten:

(sarkastysk): Soa. Nou, dan ha wij meiinoar 't sâlt yn 't iten wer fortsjinne hjoed.

Keimpe

(falt roungear op stoel by tafel del): It âld korpus woe net mear mei op 't lêst. *(Kicht út en troch.)*

Klaske:

Och, Keimpe jonge. *(Kriget skûlk fan tafel.)* Dou hast it stof noch yn 'e earen sitten. Kom hjir ris. *(Faget soarchsum syn earen út.)*

Keimpe.

(lit it heal gewurde): Dondert neat. Sit mar fan bûten.

Klaske:

Noch in fjirtjin dagen, net, dan kin jim 't braken dien?

Marten:

Ja, en dan....? Dan stiet de fortsjinst wer stil. Kin men wer omstippe.

Klaske:

Nou, dan wer dei en rie, ju. *(Tsjin Keimpe):* Mar dou bliuwst joun thús, Keimpe jong. Net mear achter de murden oan yn 'e kjeld.

Keimpe:

Prakkesear der net oer.

Marten:

As Wybren nou gau komt, dan gean hij en ik togearre. Dêr bij dy daem fan Van der Schaaf syn fjirdeheale, dêr moat noch in grouwe murd sitte. Sa'n âldfader. Dat mist my net. Dy moat ús net ûntkomme.

Keimpe:

Gean jim mar. Ik bliuw joun thús.

Klaske:

Gelyk haste. Witst hwat, Keimpe? Dan gânzebrievje wij strak noch even. *(Krijt gânzebrief mei dobbelstiennen út kuorke en leit dy op tafel.)* Hjirsa, jong, aensten even de sinnen forsette. Ja, út nocht fansels, net út winst!

Keimpe:

Hnn, winst...., winst.... *(Giet mei holle op earms lizzen.)*

Marten:

Lit him mar even bikomme. Siz, Klas, wolst my dat lapke even forbine? It spul sit hwat los. *(Stekt har finger ta.)*

Klaske

(forbynt finger; pleagjend): Net wer bigjinne to razen fansels.

9e TOANIEL.

(De oaren; Frou Hogerhuis.)

Frou Hogerhuis

(komt op mei pakje yn hân): Sa, dêr wie 'k al wer. Kom, de jonges al bij de tafel? Einlings ris hjeljoun?

Keimpe

(tilt holle op; stoarret wêzenleas foar him út; kicht nou en dan droech): Hjeljoun, ja.

Frou Hogerhuis:

Keimpe! Ja, ik sjoch it wol. Aensten mar gau op bêd. *(Tsjin Marten):* En dou, Marten?

Marten

(finger omheech): O, dat seare lapke, oars neat. *(Nimt lantearntsje fan tafel en bigjint it nei to sjen.)* Soe Wybren syn ark yn oarder ha?

Frou Hogerhuis:

Giet it noch àl oan joun, dy murdjagerij? Húh, sok kjeldlijen. Dou moatst ek mar hwat om dyn lichem tinke.

Keimpe:

Dondert neat. Wrakken wurde wij dòch allegear.

Frou Hogerhuis:

Hui, hui!

Klaske:

Hat mem dêr noch hwat foar 't kuorke? *(Frou Hogerhuis lit har ynhâld fan pakje sjen; hja laitsje inoar efkes oan.)* Moat mem hjir ris komme.

Frou Hogerhuis

(leit pakje yn kuorke; sjocht kroadtsje): Hin, in kroade? Wybren syn wurk? Hwat ha 'k dij sein?

Klaske:

Ja, Paulus frachtrider brocht it niis. Ja, 't is mij suver to raer, hear!

10e TOANIEL.

(De oaren; Wybren.)

Wybren

(is ûnder lêste wurden opkommen; gnyskjend): Soa, is it har to raer. Nou, dan moat dat dinkje mar nei stêd werom. Paulus mar oanroppe, moarnier? Ei, Klas ju, earme bern moatte ek boartsje kinne. Se sitte letter langernôch yn 't lijen.

Keimpe:

Yn 't lijen, just, yn 't lijen....

Wybren:

Mar wij moatte noait gjin bilies jaen, Keimpe jong. Ienkear komt er, de nije tiid.

Keimpe:

Ja, as wij dea binne.

Wybren:

Né, earder. De nije tiid is net to kearen. Rounom brûst it fan striid om rjocht. Oeral bigjint it yn 'e âlde wrakke maetskippij to kreakjen. Hwat seit Piter Jelles? *(Deklamearret):*

„Heil dan, o tiid, dy't wij bilibje,
Dou, swier fan seine, greate tiid!
Nou 't folk sels wurkje wol en stribje
En stride in greate frijheitsstriid."

Klaske:

Prachtich is dat! Fierder, Wybren!

Frou Hogerhuis:

Ja, striid, altyd mar striid. *(Suchtet efkes; nimt har lekken wer op.)*

Keimpe:

En 't jowt neat.

Marten

(nimt skeppe by bedskut op): Nou, Wybren, hoe sit it, jong? Bist ek klear foar dizze striid? Witst wol, dy âldfader dêr bij Van der Schaaf syn hikke. Jonge, as wij dy ris bimeppe koenen. Dat wie nou sa'n aerdich sinteklaespresintsje. Ik sil fêst it hountsje mar loslitte. *(Nimt skeppe ûnder earm; sil ôf.)* Tinkst om dyn lantearntsje? *(Giet ôf.)*

Wybren

(hinget lantearntsje foar boarst): Ja, wij geane.

Frou Hogerhuis:

Jim meitsje it joun net to let yn 'e kjeld, Wybren, wier?

Wybren:

Né, mem, wij bin om tsien ûre hinne wol wer thús. *(Sil ôf, bitinkt him, giet ta bûse en smyt hwat jild op tafel.)* O, dat soe 'k noch hast forjitte. Hjir is dyn lean, Klas, foar de earte.

Klaske:

Ik soe sizze, Wybren, dat hâldstou mar diskear.

Wybren:

Hâlde? Gjin sprake fan. Elk sinen. Hwerom hâlde?

Klaske

(giet op Wybren ta; heal lûd): Foar dy prachtige kroade fan myn lytse jonge.

Wybren:

O datte. Né, hear, oannimme. Elk sinen, Klas ju, elk sinen.

Klaske

(tikket him bliid tsjin it wang): Dou bist ien út tûzen.... út tûzen!

Wybren:

Nou, sa mâl hoecht it net. *(Tsjin Keimpe dy't heal dodzjend oer tafel hinget):* Eh... Keimpe, ik soe mar gau út 'e wei gean strakjes, jong! Sa'n dei is to dreech en to lang. *(Giet ôf.)*

Keimpe

(suf): Ja....

Klaske

(tsjin Keimpe): Mar wij soenen earst noch even gânzebrievje togearre. Ja, dêr komst net foarwei, broer. Dat wie ôfpraet. *(Triuwt him dobbelstiennen yn hân.)* Hjirsa.... even sinteklaesjoun hâlde.... De sûkelademolke en de taei dy tinke wij ús der bij. Toemar, Keimpe, dou earst. *(Keimpe smyt mei tsjinsin.)* Acht....! Ien, twa, trije, fjouwer, fiif, seis, sawn, acht! Sa, nou ik! *(Smyt.)* Twa mar....! Ien, twa. Keimpe, dou wer! *(Keimpe smyt.)* Njoggen....! Ien, twa, trije, fjouwer, fiif, seis, sawn...., acht...., njoggen....!! Ha, krekt yn 'e gefangenis! Mem, Keimpe sit yn 'e gefangenis....!!

Keimpe

(krimpt yninoar, grypt skûlk fan tafel; nimt dy foar mûle; falt mei holle foaroer): Oh....!!

Klaske

(springt kjel oerein; bûcht har oer Keimpe hinne): Mem..! Bloed.....??

DOEK.

EIN FAN IT EARSTE BIDRIUW.

TWADDE BIDRIUW

(Selde toaniel as earste bidriuw; bedsdoarren binne ticht; bûtenblinen iepen; troch finsters skynt hwat ljocht; rjochts oer flier in folle sek; op tafel in heapke griene earte; sjuddebak ûntbrekt; op Frou Hogerhuis har stoel hwat waskguod, hwerby tafellekken út earste bidriuw; it is Aldjiersdei 1895.)

1e TOANIEL.

(Marten; Keimpe.)

Keimpe

(sit mei doek om hals by tafel to eartlêzen): Siz, Marten. Bigrypstóú ús Wybren?

Marten

(leget pantsje mei earte yn sek; bigjint strop ticht to binen): Ik ús Wybren bigripe? Hoe sa, Keimpe jong?

Keimpe:

Dat dy mei gjin wurd prate wol oer dat gefal dêr bij Gatse Haitsma op 'e Pôlle. Hij wol der hjir yn 'e hûs gjin praet oer hearre.

Marten:

Hwat sil men der ek al folle wurden oer smoarch meitsje. It feit leit der sa ta. In ynbraek is in ynbraek. En hwa't it dien hat, dat sil de plysje wol útsykje moatte.

Keimpe:

Mar elkenien hat it der ommers oer, oer de ynbraek.

Marten:

Ja, mar ús Wybren is elkenien net, dat witstou ek wol. Dy hat syn eigen oardeel oer de dingen. Dat sil hjir ek sa wol wêze. En dat er mei gjin wurd oer dy Pôlle-lju prate wol.. neat gjin niget. Dat akkefysje trije wike lyn hjir yn 'e hûs ....Och, och....!

Keimpe:

Jawis, mar soe 't him dêryn sitte? Ik wit net. Ienkear noch mar hat Wybren him oer dy ynbrekkerij útlitten. Dat wie forliden wike. En doe wie 't krekt as woed er dy âld Gatse Haitsma syn wâl sa'n bytsje ophâlde. Soks bigryp ik net.

Marten:

Nou, mij tinkt ek, dy âlde Gatse koe hjir de plysje al min bûten litte. Né, hij stiet yn syn rjocht. En dou moatst net forjitte, Keimpe jong, hij is fansels deabinaud dat er wèr sokke nachtlike gasten op 'e Pôlle krijt. En dat dy plysje op 't heden alles yn 'e omkriten ôfsneupt, tja, dat ha je dan, wier? Hwat woestóú dan yn Gatse Haitsma syn plak?

Keimpe

(grommeljend): Lit dy âld rintenier better op syn ryksdaelders passe.

Marten:

Der wurdt oars grute, hij hie 't jild ûnder 't holkessen lizzen. Dy nachts fan 'e ynbraek, dy sinteklaesnacht wie dat ek sa. Better oppasse? Alde Gatse kin syn ryksdaelders jouns ek al min trochslokke en moarns wer útspuije. Hè?

Keimpe:

Mar hij mist ommers neat, dy âld fetmester. Gjin healtsje.

Marten:

Goed, dy ynbraek is dy lju doe dy nachts mislearre. Mar ik woe d ij wolris sjen, broer, as se hjir op in nacht, op sinteklaesnacht noch leafst, bij dij ynbrieken.

Keimpe:

Hjir komme gjin ynbrekkers. Hjir lizze de mûzen dea foar de kast.

Marten:

Nou né, mar stel it gefal. Dou leist midden yn 'e nacht rêstich to sliepen mei dyn húshâldster....

Keimpe

(smeulsk spytgnyskjend): B ij dyn húshâldster, bidoelste.

Marten

(laket): Nou ja, dat is fers twa. Mar tink ris ta, broer, der wurdt bij dij mei barstend geweld in finster stikken stompt, ien man stiet bûtendoar op wacht, twa man springe nei binnen en raze tsjin dij: It is ús foar den bliksem om dyn jild to dwaen! Hè?

Keimpe:

Jild dat 'k n't ha.

Marten:

Nou ja, goed. Mar hwat hiestóú dan dien, Keimpe, yn dy âld Gatse syn plak? Hiestóú miskien sein: Nim in sit, mannen en stek ris oan? Tige tank foar dizze aerdige sinteklaesforrassing? Hè?

Keimpe:

Ik hie mij deafochten, leau 'k.

Marten:

Nou, dêr hast it al.

Keimpe:

Mar earst hie 'k goed sjoen, hwa't it wienen.

Marten:

Hoe soenen se dat sjen, dy beide Pôlle-lju? Dy iene ynbrekker moat in ding foar 't gesicht hawn ha. In wyt ding mei roune gatten foar de eagen. En dan yn in tsjustere keamer, jong!

Keimpe:

Mar hoe witte se dat dan, dat it wyt wie en dy gatten roun. 't Wie ommers pûrlike tsjuster, sa'st seiste.

Marten:

Tja, dat is dyn slach. Dat wit ik ek n't. Mar forjit net, Keimpe jong, der is sketten dy nachts dêr bij Gatse yn 'e hûs. Twa kear. Ien kûgel skampte de âlde lyk bij 't wang lâns. Dy ha se letter achter 't bihang foun. Dat liicht der net om. Meitsje steat, soks wurdt ûndersocht en forgoed ek. Né, dit stim ik ús Wybren mei. Dy âld Gatse, lit him in smjunt wêze, syn rjocht gun ik him wol!

Keimpe:

Mar it jowt neat, dat hele ûndersiik.

Marten:

Nou, ik wit n't, ik wit n't. Dat lantearntsje dat dy dieven achterlitten ha.... En dan dat bloed op 't finsterbank....

Keimpe:

Och, hoe lang duorret it nou al, dat gesneup fan 'e plysje. Dy ynbraek wie de nachts fan Sinteklaes en hjoed is 't Aldjiersdei. Dat 's mear as trije wike. Se fine se dòch noait. Dan meije se hele Ljouwert wol oer de kop klauwe.

Marten:

Dy marsjesé's fleane oars noch alles ôf. Juster wienen se yn Ingelom en earjuster yn Stiens, sei Paulus frachtrider. De hele boel op ien ein.

Keimpe:

Om mij fine se neat. Deaden bin der ommers net bij fallen. Ik hâld it der foar, it ha trije earme swachels út Ljouwert wèst. Miskien hat de honger harren dreaun.

Marten

(hat strop tichtboun en wol him op rêch tille): Tja, hwa sil 't sizze? Se moatte har der mar mei rêdde, hear! Ik sil my de kop der net oer brekke op 'e lêste dei fan 't jier. *(As Keimpe op him tarint en him sek opjaen wol):* Né, né, hou, Keimpe jong! Né, né, dat kin 'k wol allinnich!

Keimpe:

Och, lit mij.... Hwerom net....

Marten:

Né, né, dou witst dat dokter dy soks forbean hat, jong! Gjin sprookjes fan.

Keimpe

(protteljend): Jim miene, leau 'k, dat 'k neat mear kin, safier is 't hinne. 't Is ommers al wer mear as trije wike.... En 't giet goed.

Marten

(wrot sels sek op rêch): It giet net góéd, mar bêst! Mar soks moat syn tiid ha, Keimpe jong! Piane-oan.... piane-oan, heite! *(Giet ôf.)*

2e TOANIEL.

(Keimpe; Frou Hogerhuis.)

Frou Hogerhuis

(is ûnder lêste wurden opkommen mei sjuddebak en set dy by kachel del): O, wol Keimpe wer ris net om 't lyk? Eh.... witst wol, jonkje, dat it healwei tsienen west hat?

Keimpe

(is wer bigoun to eartlêzen): Healwei tsienen? O.... dat.

Frou Hogerhuis

(kriget doktersfleske en itensleppel fan skoarstienmantel; jit hwat út fleske yn leppel en hâldt dy Keimpe foar): Ja just, dat! Hiest wer net om tocht fansels. Mar dou silst it ha, sa goed bist net. Hjirsa, jonkje, mûle op. It docht dij goed.

Keimpe

(hapt, slokt; set fiis gesicht): Uúúh....!

Frou Hogerhuis:

Ja, bitter, tink hè? Mar lekkere drankjes helpe net. *(Set fleske en leppel wer to plak.)* Hea, is Klas nou nòch net werom?

Keimpe:

Klas?

Frou Hogerhuis

(sjocht even troch 't finster): Ja, se bringt even de lytse jonge nei skoalle. Mar se hie hjir al lang wer wêze kinnen. O, mar dêr hear ik ien troch de stege.... *(Harket.)* Né, dat 's in manljusstap.

Keimpe:

Klas sil wol wer nijs opdwaen, tink. Fansels, de ynbraek, it ûnderwerp fan alle praet langer.

Frou Hogerhuis:

Ja, dy ynbrekkerij dêr op 'e Pôlle dat biskriuwt hwat.

Keimpe:

En gjin mins dy't wit hwa't it dien hat. Miskien wie 't Sinteklaes sèls wol.

Frou Hogerhuis:

Ha de gek der mar net mei. In rare sinteklaesnacht hat dat west. Foar Ymkje ek. En dy is altyd al sa senuwachtich.

Keimpe:

Ymkje....? Och, dat âld bêd....!

3e TOANIEL.

(De oaren; Wybren.)

Frou Hogerhuis

(sjocht Wybren dy't opkomt; tsjin Keimpe): Ssst! Stil! *(Bigjint mei waskguod op to tearen, dat se letter yn kammenet leit.)*

Wybren

(hat glêzekast op rêch, set dy yn hoeke del): O.... eh.... geheimen, ja?

Keimpe:

Ja, hwat oars. It geheim fan 'e Pôlle. I t praet fan elkenien langer. Siz, Wybren, se ha noch gjin spoar foun, hè?

Wybren

(giet ta kammenet, hellet dêr in boekje út en bigjint dêr, al learend, de keamer mei op en del to rinnen; koart): Soa net.

Keimpe:

Né, yn Ingelom net en yn Stiens likemin, sei Paulus frachtrider.

Wybren:

Oh.

Keimpe:

Dy trije mannen hienen dy nachts better hwat pipernuten struije kinnen, dêr bij âld Gatse. Yn pleats fan blauwe beane.

Wybren:

Soa.

Frou Hogerhuis:

Stil nou, Keimpe.

Wybren:

O, praet mar raek, hear! Jim hoege om mij net to swijen.

Frou Hogerhuis:

Mar dou hast ús lêsten hurd oplein, Wybren, de Pôlle soe hjir yn 'e hûs net wer neamd wurde.

Wybren:

Sa stean 'k der nòch ûnder. Mar nou 't elk it oer de Pôlle hat, hwerom j i m m e net?

Keimpe:

Hwerom d o u net?

Wybren:

Moat elk sels witte.

Frou Hogerhuis:

Ja, sa is dàt. Ik wist wol, dat Wybren dêr in hekel oan hat. Keimpe, silst der om tinke?

Keimpe:

Goed, ik sil swije. *(Giet wer troch mei eartlêzen; baut Ymkje nei):* Moai waer hjoed, frou Hogerhús, is 't n't sa?

Frou Hogerhuis:

Eèh.... sleauwe jonge.... Men kin fornimme datst opknapste.

Keimpe:

Sil frou Hogerhús joun it âldjier ek útsitte, frou Hogerhús? 't Is sa.... sa gesèllich, woe 'k mar sizze, is 't n't sa, nou? De lêste dei fan 't jier.... Goed foar de séénuwen...

Frou Hogerhuis

(heal earnstich): Eèh.... Keimpe ju, hâld op. Toe, Wybren kin sa net leare.

Keimpe:

Goed, frou Hogerhús, hear! Tige bêst, hear! As frou Hogerhús it seit dan sil ik ophâlde, dat fielt frou Hogerhús wol....! *(Tsjin Wybren dy't rint to learen):* Hoe is 't, Wybren jong, sit dy rol der noch net yn?

Frou Hogerhuis:

Lit him nou even gewurde, Keimpe. Moarn is 't Nijjiersdei en dan is de earste útfiering ommers al.

Wybren

(jowt Keimpe boekje oer): Hjirsa, kinst my wol even ôfhearre. Bledside seis, dêr bigjint myn rol.

Keimpe

(hâldt op mei eartlêzen, bisjocht bûtenkant boekje; lêst lûdop): IN UTFANHUZER BY DE BAKKER, BLIJSPUL MEI SANG fan WALING DYKSTRA.

Wybren

(ûngeduldich): Ja, ja, dat wit wy nou wol. Bledside seis. It toaneel is in bakkerij. Ik bin de bakker yn it stik en stean foar de baktafel to daeikliemen. *(Set him yn postuer.)* Giet hinne, hear! As ik heakje, seist it foar. Mar net to gau. *(Deklamearret):*

„Hwat kin in minske soms al yn syn jonge dagen
Forkearde sinnen ha, dy letter fruchten drage,
Sa bitter, dat hy 't ding forwinsket dei by dei,
Dat de alderearste groun foar al syn lijen lei."

(Swijt efkes.)

Keimpe

(sjocht yn boekje): Alteast....

Wybren:

„Alteast der sil foar my bynei gjin dei forrinne,
Dat waerme bôltsjes my gjin ergernisse binne;
Hwant waerme bôltsjes...." *(Swijt efkes; tsjin Keimpe):* Ja, en dan ek hast?

Keimpe

(lêst): Hwant waerme bôltsjes, ja, dy ha't allinne dien....

Wybren:

„Hwant waerme bôltsjes, ja, dy ha 't allinne dien,
Dat nou myn libbenslot my weacht allyk in stien.
As jonge mocht ik graech.... *(wachtet)* as jonge
mocht ik graech....

4e TOANIEL.

(De oaren; Klaske; Paulus.)

Paulus

(is efter Klaske ûnder lêste wurden opkommen; hat wynsel om lofterhân; yn rjochter houneswipe mei reade strik en delhingjend lint; hja steane efkes stil to harkjen; wylst er Klaske mei swipe yn side kidelet, op sabeare-deklamaesje-toan): As jonge mocht ik graech ris efter froulju oansitte...

Klaske

(mei finger omheech tsjin Paulus, op selde toan): Mar nou as troude man sil Paulus soks wol litte....

Paulus:

Forrek, dou kinst it, hear! Rime en dichte, dy Klas, men soe de pet der foar lichte. *(Tsjin Wybren):* Hoe is 't Wybren jong, hast âld Waling-om wer bij de kop? Moarn is 't safier, hè? Sit de rol der hwat yn foar moarnjoun?

Wybren

(nimt boekje wer en leart fierder; earnstich en koart): Ja, al hast.

Paulus:

Ik woe wol dat 'k it sa koe as Wybren.

Wybren:

Der binne hjir yn Bitgum dy't bètter toaneelspylje.

Paulus:

Dat 's mooglik. Mar dêr hear i k net bij.

Wybren:

Soa net? Ja, elk wit syn eigen dingen bêst. *(Leart fierder.)*

Frou Hogerhuis:

Hoe is 't mei jou smertlape, Paulus. De hân noch yn 't wynsel, sjoch ik?

Paulus:

Ja, dat wol mar fordealde min heelje. Meitsje 'k my dêr lêsten foar 't wiif hwat kachelhoutsjes fyn en slaen ik my dêr mei de bile op 'e hân, man!

Keimpe

(gekjeijend): Dy bile hat fansels tocht: ek mar de kachel yn, dy Paulus. Ek droech genôch foar 't fjûr. *(Wiist nei swipe.)* Mar.... eh.... hwat hastóú dêr oan 'e swipe, Paulus jong? Hoe is Maei soa in 't laand, sêgge se op 't Bil. Dou koest wol feest ha.

Paulus

(earnstich): Feest, ja. Haw ik ek.

Klaske:

Ja, Paulus hat hjoed feest. Mar jim riede 't noait hwerom!

Paulus:

Ik sil 't jim sizze. Domela Nieuwenhús wurdt hjoed fyftich jier.

Keimpe:

Domela Nie...,? Hjoed fyftich....? Nou, dan treft er moai waer op Aldjiersdei. Hoe is 't, Paulus jong, hast de flagge al op 'e karre?

Paulus:

Né, né, gjin gekheit as it oer Domela giet. Earme minsken ha gjin flagge, dat witst wol, Keimpe. *(Forheftich):* En hie ik ien, dan wie 't in readen, in fjûrreaden-ien....! De bloedflagge....!!

Frou Hogerhuis:

Kom, kom, in bytsje kalm. Net sa gysten ynienen.

Klaske

(gnyskjend): En hoe prakkeseart dyn wiif oer soks?

Paulus:

Dy? Hat neat to prakkesearen.

Frou Hogerhuis:

En gean jo mei dàt op 'e swipe nei Ljouwert?

Paulus:

Jawis. Hwerom net....? Hwerom soe 'k mij skamje....? Rjochtút as de bargesnút....! En read as in krael....!

Wybren

(hâldt op fan learen; stadich en skerp): Dêr seist sa'n wurdtsje oardeheal, dat liicht der net om. Hwa't dat wier to meitsjen hat, dy hat it net licht, Paulus van Dyk! *(Wiist nei swipe.)* Ik hoopje, dat dit net allinnich bûten sit, mar ek fan binnen....

Paulus

(slacht him op boarst): Elkenien mei witte, hwa't Paulus frachtrider is.

Wybren:

Elkenien?

Paulus:

Ja, in Domela-man, dat bin 'k. Dêr stean 'k foar. En elk sil witte, dat er hjoed fyftich wurdt, ús forlosser. Ja, ús forlosser, dat is er. Domela, hij sil de útkomst bringe. Oer bloed en liken hinne. Domela, dy is foar de arbeider en oars gjinien. Dy oaren? Dat bin se net....! Labbekakken, dat bin it....! Weitene dokters, dy't de swolmen net mei ham en gram útsnije doare....! Sa is Domela net....! Domela, dy hat noch noait bang west....! Fyftich jier wurdt er hjoed! Fyftich bloedjierren...! Hele Bitgum sil it witte...!!

Klaske:

Hou ris even. *(Wiist nei swipe.)* Krijst dêr gjin lêst mei yn Ljouwert en sa?

Paulus

(ropt al lûder): Dondert neat! Lêst? Dat ha 'k der foar oer! En al skriuwe se op myn karre fan ANARCHIST en fan JUDAS, ik stean se, dy rudige hounen, dy jildklauwers....! Skielk, as alles oer de kop giet, dan sille se bliede, dat sille se....! *(Klapt forwoeden mei swipe.)* Ferlossing eut de slavernij....!! Recht foor Allen....!! Recht foor.... *(Brekt hommels ôf.)*

5e TOANIEL.

(De oaren; opperwachtmaster; marechaussée.)

Opperwachtmaster

(komt hastich op mei marechaussée, dy't by doar bliuwt; hat dievelantearntsje yn swarte doek bipakt by him, dat er letter op tafel leit; komt biret nei foaren; nimt oanwêzigen skerp op; hellet opskriuwboekje út bûse; sjocht der efkes yn; der falt in stilte): Wij binne hjir bij de Widdou J. Hogerhús? *(Elk bliuwt stil en ûnforweechlik; allinne Paulus wykt hoeden nei efteren; bytsje lûder):* Ik freegje, wij binne hjir bij de Widdou Japke Hogerhús?

Klaske

(wiist op Frou H.): Ja, ús mem....!

Opperwachtmaster:

Ahà! Jo binne de mem fan trije ynwenjende, mearderjierrige soannen Wybren, Marten en Keimpe Hogerhús? *(Makket hânbiweging nei trije manlju.)*

Wybren

(strak): Ja Wybren Hogerhús, dy bin ik. En dit is myn broer Keimpe. Mar.... eh.... hwat wie de bidoeling fan de mannen?

Opperwachtmaster

(tsjin Frou H.): Binne der méár minsken yn dit hûs as hjir yn dizze keamer?

Wybren:

Né.

Opperwachtmaster

(tsjin Frou H.): Ik freegje it jó, frou!

Klaske:

Hwat.... hwat wolle jimme....?

Opperwachtmaster

(tsjin Frou H.): Ik freegje it jó, frou. Kom, siz op, binne der méár minsken hjirsa?

Frou Hogerhuis:

Mear minsken....? Né, ja, mar hwat.... hwat moat dit? Hwat.... hwat is der to rêdden....? Hwat wie it boadskip, manlju!

Opperwachtmaster:

Dat hearre ja aensten. *(Tsjin marech.):* Dou soargest, Jânsen, dat nimmen dit fortrek forlit?

Marechaussée:

(lûkt revolver): Jawòl opper! *(Tsjin Paulus, dy't him mei forboune hân yn bûse by doar foarby glûpe wol):* Hou, dou! Werom....! Gau....!

Opperwachtmaster

(mei hân oan revolvertas; tsjin Paulus): Liz dy swipe del!

Paulus

(lit swipe oer groun falle): Ja, mynhear.... Mar.... eh.. ik.... eh....

Opperwachtmaster

Doch dy hân út 'e bûs!

Paulus

(lûkt hân mei wynsel hastich út bûse): Ja, mynhear.... Mar mynhear, ik ....eh.... ik ha hjir neat mei út to stean.... Ik.... eh.... ik bin gjin Hogerhús....!

Opperwachtmaster

(binijd): Bistou dan net ien fan de trije bruorren?

Paulus:

Né, mynhear, wier net. Sa wier as ik hjir stean net.

Wybren:

Dat is Paulus van Dyk, de Bitgumer frachtrider. Hij wie hjir tafallich even. Mar.... eh.... hwat hat dit eigentlik yn....?

Opperwachtmaster:

Dat hearre jo aensten. Jo bliuwe kalm. *(Tsjin Frou H.)* Is dat sa, frou? Ahà! Fortel ris, frou, hwer sit dan jou trêdde soan? De wierheit graech en in bytsje fluch. *(Sjocht yn boekje.)* Hoe hjit er....? eh....

Wybren:

Marten, tink?

Opperwachtmaster:

Ja, just, Marten. Marten Hogerhús, hwer hâldt dy ta op 't momint?

6e TOANIEL.

(De oaren; Marten.)

Marten

(stiet yn doar): Hjir is Marten Hogerhús. Libbensliif. Hwer is de brân? Wel forgémy, hwat eare geskiedt myn dochter, blaumiggen oer de flier, hie 'k tocht. *(Komt nei foaren.)* Moasten de hearen mij ha?

Opperwachtmaster:

Dou bist Marten Hogerhús? Ahà! *(Tsjin Paulus):* Jo kinne gean. It wie in forsin, frachtrider. Nim my net kwea.

Paulus

(fluensk): Neat n't slim, hearen, hear! In forsin is minsklik wier? Dach, hearen! *(Giet hastich ôf sûnder swipe.)*

Klaske

(forachtsum): Hnn! Wezeling!

Opperwachtmaster:

(skerp): Hwat seinen jo?

Klaske:

't Wie tsjin him dêrsa.

Opperwachtmaster:

Jo sizze net earder wer hwat, as hwannear't jo hwat frege wurdt. Goed bigrepen? *(Klaske makket ûnforskillige hollebiweging.)* En elkenien yn dit fortrek ried ik oan, kalm to bliuwen. Uterst kalm.

Wybren:

Hwatte....? Hjir yn eigen hûs....?

Opperwachtmaster

(wart mei hân ôf): Sa, en nou ta de saek. Eh.... Jânsen, doch earst hwat dij niis oplein is. Fouillear dizze trije op fjûrwapens en kontrolearje hannen en polzen.

Marechaussée:

Jawòl, opper. *(Giet efter bruorren stean.)*

Marten:

Ja, mar hwat is dit foar in mâlle fortoaning?

Keimpe

(giet oerein; rint op Wybren ta): Kin dit sa mar....? Hwer sjocht dy keardel ús foar oan, Wybren?

Wybren:

Mar earst sille wy witte.... Hwat is jimme opdracht....?

Opperwachtmaster:

Wij hannelje yn opdracht fan de Justysje to Ljouwert. Us komst hjir hâldt forbân mei de ynbraek bij de hear Gatse Haitsma. Hwat wij wolle, sil jim strak dúdlik wurde. As it jimme tominsten op 't momint noch net dúdlik is, hwat ik bitwivelje. Foar alles, bliuw rêstich en doch hwat jim sein wurdt.

Wybren:

Mar ik lit mij net fan elkenien bifiele en bitaeste. Fjûrwapens? Hjirsa.... wij sille sels de bûsen wol omkeare, man! *(Alle trije keare bûsen om.)*

Opperwachtmaster:

Jânsen, doch dyn plicht. Frou Hogerhús, ik moat jo persoanlik in pear fragen stelle. Binne jou soannen der nachts wol ris op út?

Frou Hogerhuis:

Nachts der op....? O, to murdjeijen, woenen jo sizze?

Opperwachtmaster

(makket nou en dan oantekening): Bijgelyks, to murdjeijen. Ha se dan ek fjûrwapens bij har?

Frou Hogerhuis:

Fjûrwapens? Sjitterij? Né, soks ha wy hjir net. 't Hountsje giet altyd mei.

Opperwachtmaster

(tsjin marechaussée): Gjin fjûrwapens bij har, Jânsen?

Marechaussée:

Né, opper.

Opperwachtmaster:

Oars noch hwat bysûnders?

Marechaussée:

Dy iene hat in farske groede oan 'e lofterwiisfinger, opper.

Opperwachtmaster

(rint op Marten ta): Ahà! Lit ris sjen. Né, de oare hân! *(Bisjocht finger.)* Hm. Hwer hast dat skipe, Marten Hogerhús?

Marten:

Hwat skipe? Dy groede? O, lêstendeis yn 'e slypbraek. Mar 't is al lang wer heel. 't Hie neat om 'e hakken.

Opperwachtmaster:

Lêstendeis, seiste! Hm. Hoe lang is dat krekt lyn?

Marten:

Nou.... eh.... ja, sa'n wike of trije, fjouwer.

Frou Hogerhuis:

Wie 't net dy joun fan Keimpe syn.... eh....

Klaske:

Jawis, dy sinteklaesjoun wie 't. Ik ha der noch in lapke om dien.

Opperwachtmaster

(giet wer sitten, skriuwt hwat op): Ahà! Op 5 Desimber dus. Eigenaerdich. *(Rôllet dievelantearntsje út doek; hâldt it omheech.)* In oare fraech. Hat ien fan jimme kunde oan dit lantearntsje? *(Efkes stilte; elkenien skodhollet.)*

Klaske:

Dit hat tominsten neat fan dinen, Wybren.

Opperwachtmaster:

Ahà! Dus Wybren h i e wol sa'n lantearntsje?

Wybren:

Dat ha 'k nòch. *(Giet nei skoarstienmantel; kriget eigen lantearntsje der ôf; set it nêst oare op tafel.)* Hjirsa, dit is minen. Ik brûk it altyd bij 't murdjeijen.

Opperwachtmaster:

Hm. Binne der fan jimme kunden yn 't doarp ek guodden dy't dat iene lantearntsje kenne?

Wybren:

Ik soe 't sa net witte.

Klaske:

De lytse jonge ken it wol. Dy boartet der wolris mei.

Opperwachtmaster:

Ahà! Hwer is dy lytse jonge?

Klaske:

Op skoalle. Hjir fuortbij.

Opperwachtmaster

(bitinkt him efkes): Jânsen, dou gietst mei beide lantearntsjes nei dy skoalle ta en dou fregest dy jonge om Wybren sinen út dizze twa oan to wizen. Goed wurk meitsje en gjin tiid forlieze.

Marechaussée:

Jawòl, opper.

Opperwachtmaster

(tsjin Klaske): En dy jonge frou giet mei en wiist it paed. Ja, ja, gjin praetsjes!

Marten:

Eèh, toe mar, Klas ju. 't Is hjir hjoed dòchs in janklasjespul.

Klaske:

Mij bêst. Al bigryp ik noch noait, hwer't al dy healwizichheit goed foar is. *(Giet mei marechaussée ôf.)*

Opperwachtmaster

(lûkt revolver; leit dy op tafel del): Noch in pear fragen foar jó, frou Hogerhús. Jo seinen sa just, jou soannen gongen wol op 'e murdejacht. Dogge se dat mei har trijen altyd?

Frou Hogerhuis:

Oars wol, mar Keimpe de lêste tiden net. Dy hat lêsten in... eh... krupsje hawn.

Opperwachtmaster

(mei slûchslim glimke): Bloed opjown, bidoele jo, hè? Just. Hoenear hat dat krekt pleats hawn?

Frou Hogerhuis

(bitinkt har): It wie op jountyd. Wurdt it oaremoarn gjin fjouwer wike, Keimpe?

Keimpe:

It wie op Sinteklaesjoun, as dy man it krekt witte wol.

Opperwachtmaster:

Ahà! Dus ek op 5 Desimber. Eigenaerdich. *(Sjocht yn boekje.)* Hawwe jou soannen op 'e joun fan 'e fyfte Desimber ek wer to murdjeijen west?

Frou Hogerhuis:

Ja, mar Keimpe fansels net.

Keimpe:

Ik lei sa'n bytsje foar 't lêste anker, man.

Opperwachtmaster

(tsjin frou Hogerhuis): Ik freegje jó. Hwerom, frou Hogerhús, ha jo pas op sawn Desimber, dus twa dagen letter, de dokter der bij helle?

Frou Hogerhuis:

Och, wij tochten, dat it sa wer ôfsakje soe.

Keimpe:

Dy man mient, leau 'k, dat it jild ús op 'e rêch groeit.

Opperwachtmaster:

Dou hast to swijen. *(Tsjin frou Hogerhuis.)* Oare fraech, frou. Brûke jo wyt linnenguod?

Frou Hogerhuis:

Wyt linnenguod? Hoenou sa?

Opperwachtmaster:

I k freegje en j o ha to antwurdzjen. Brûke jo wyt linnenguod?

Frou Hogerhuis:

Nou, winterdei fansels net folle. 't Is sa biwurklik en de jonges steane altyd yn 't smoarge wurk.

Opperwachtmaster:

Net folle, sizze jo. Dus wol hwàt. Hwer kin ik jou kast mei linnen fine?

Frou Hogerhuis

(giet nei kammenet, docht it iepen): Dêr leit it.

Opperwachtmaster

(nimt revolver yn hân, giet foar kammenet stean, wylst er fierders hieltyd in each op bruorren hâldt): Hm. Is dat alles?

Wybren:

Ja, earmoede is gjin skande, man.

Marten.

(tsjin Keimpe dy't hingerich wurdt fan stean): Hjirsa, Keimpe jong, gean der by sitten. *(Lûkt stoel oan; Keimpe giet sitten.)* Sa, dan kinst dit drama sittende oansjen. *(Giet sels mei foet op oare stoel stean.)* Sa, in goeije steander hat mar in heale stoel noadich.

Opperwachtmaster:

Gjin grapkes hjirre. De hearen wolle wol rêstich bliuwe, tink? *(Tsjin frou Hogerhuis):* Jo kinne nei jou plak ta gean. *(Klaut yn kammenet om, bisjocht pear stikken wytguod, hellet alles útinoar en smyt it oer de groun; hellet tafellekken foar 't ljocht, bisjocht it, sil it ek oer de groun smite, bisjocht it opnij.)* Ahà! Hjir hat in roun gat yn sitten.... en hjir noch ien.... Dat is twa. Hoe binne dy beide gatten yn dit lekken kommen, frou? Daliks antwurd en de wierheit. It is yn jou eigen bilang.

Frou Hogerhuis:

Dat tafellekken? O, dêr hie de lytse jonge syn knûstkes troch set. Mar ik ha 't ommers al wer kreas stoppe. Hwat moat soks nou?

Opperwachtmaster:

Hoe lang is dat lyn? Dat stopjen?

Frou Hogerhuis:

Ja, nou freegje jo mij mear as ik wit, hear! Soks ûnthâldt men net op 'e dei ôf.

Marten:

Ik sil mem wol op 'e gleed helpe. Dat lekken hat mem stoppe op Sinteklaesjoun.

Opperwachtmaster:

Sinteklaesjoun! Hoe witstou dat sa krekt? De wierheit!!

Marten:

Nou, tafallich kaem ik mei dy seare flerk út it braekhok wei en frege om in fodtsje. Doe hie mem dat lekken ûnder hannen, wit ik noch wol. Hwant ik sei noch, skuor dêr mar in hoekje ôf. Mar mis, fansels. Froulju, hè?

Opperwachtmaster:

Ja, ja. Strykt dit mei de wierheit, frou?

Frou Hogerhuis:

Ja, nou't Marten it seit.... 't Wie dyselde Sinteklaesjoun.

Opperwachtmaster:

Hm. Dus ek op 5 Desimber. Eigenaerdich.

Marechaussée

(komt mei Klaske en beide lantearntsjes wer op): Presint, opper!

Opperwachtmaster:

En?

Marechaussée:

Ik ha dat jonkje fiif kear frege, opper, hwat syn omkes lantearntsje wie, mar hieltyd wiisde er dit oan. *(Hâldt Wybren syn lantearntsje omheech.)*

Opperwachtmaster:

It forkearde dus. Koe de jonge dat oare lantearntsje bislist net?

Marechaussée:

Né, opper.

Opperwachtmaster:

Hm. Hawar, dat sykje wij letter út. Dit lantearntsje en dit tafellekken wurde hjirmei yn bislach nommen. *(Tsjin marechaussée):* Jânsen, pak dit yn, hè? *(Stadich, mei neidruk):* En nou forklearje ik yn opdracht fan de Justysje to Ljouwert de trije bruorren Wybren, Marten en Keimpe Hogerhús ta myn arrestant. *(Der falt in stilte.)*

Keimpe:

Bitsjut dat soms, dat wij.... dat wij.... oppakt wurde?

Klaske:

En.... opbrocht?

Opperwachtmaster:

Tja, de hearen sille even mei moatte nei Ljouwert. Ik forsykje jimme yn jim eigen bilang jimme net to forsetten. Oars sille wij geweld brûke moatte. *(Driget mei revolver.)* Jânsen, doch dyn plicht. *(Marechaussée wol bruorren hânboeijens oandwaen.)*

Wybren

(forset him): Houris, dit kin sa mar net. De wet seit, in arrestant hat it rjocht earst de reden to witten, hwer't er om arrestearre wurdt. Dat rjocht ha wij ek, myn broers en ik.

Opperwachtmaster

(spytgnyskjend): Nou, nou, hwat in kennis fan saken. Hawar, de hearen sille it folle pont hawwe. Ik haw al sein, ús komst hjirre hâldt forbân mei de ynbraek bij de hear Haitsma op Sinteklaesnacht. De bruorren Wybren, Marten en Keimpe Hogerhús steane ûnder fortinking skuldich to wêzen oan dy ynbraek-mei-writen-ta-deaslach. In fortinking, dy't troch dit opspoaringsûndersiik sûnder mis troch de Justysje foroare wurdt yn swiere fortinking. *(Sarkastysk):* Binne de hearen arrestanten sa tofreden oer har verbalisant?

Keimpe:

Hwat bijeuzelt dy keardel? Fordomme...., wij....??

Klaske:

Mar.... mar bin se dêr meiinoar gek wurden yn Ljouwert?

Frou Hogerhuis:

Man, man, wit hwat jo sizze.

Marten

(barst yn laitsjen út): Ha, ha! It nijste komeedzjestik, Wybren jong! Ha, ha! *(Tsjin opperwachtmaster):* Hwa is dy potsjemakker dêr bij jim yn Ljouwert....? Hè? Dy is lang n't min....! Dat 's in kraen....! Ha, ha! It liif docht my der sear fan.... Ha, ha, ha!

Opperwachtmaster:

Tink om dyn wurden! Misledigje de Justysje net! Ek soks is strafber.

Marten:

(noch laitsjend): Nou, al sloechst mij oan potfleis, sjedêr... Ha, ha! Sa moai hie ik it noait bitinke kinnen... Ha, ha!

Wybren

(earnstich; saeklik): Op hokker grounen birêst dizze fortinking?

Opperwachtmaster:

Dat kin ik net allegear útlizze. Dat hearre jimme letter. Allinne dit, de hear Gatse Haitsma en syn húshâldster Ymkje Jânsma hawwe juster beide foar de Justysje forklearre, dy ynbrekkers wienen de trije Hogerhuzen fan Bitgum. Beide hawwe se jimme dy nachts as sadanich herkend. En nou.... eh....

Keimpe:

Wel, dy âld smearlap! Dat liichbeest!

Klaske:

Ymkje....? Dy sleauwe sjut....?

Marten

(barst wer yn laitsjen út): Gatse....? Hâldt dy ús....? Ha, ha! En Ymkje...? Hat dy de geest dwalen sjoen...? Ha, ha? Allegear séénuwen, man, hwat ik jo siz. Né, sa ha 'k it noch net op 'e fioele spyljen heard...! Hâld op...! Nou, nim mij mar gau mei nei Ljouwert, man! Kostlik...! Dy grap wol 'k sels bij wêze.... Ha, ha, ha!

Frou Hogerhuis:

Marten, moatst net!

Wybren

(strak): Hwat binne de biwizen dy't dy man en syn hús-hâldster bijbrocht hawwe?

Opperwachtmaster

(hastich): Tja, dat leit bûten myn foech.... Ien dy't de wet ken, moast soks witte. Dy dingen sil de Justysje jimme wol oan 't forstân bringe.

Wybren:

Lit mij allinne gean. Ien is genôch. Ik sil dy hearen dêr yn Ljouwert wol even dúdlik meitsje, dat w i j hjir bûten steane. Sjen, oft der noch rjocht is yn dizze wrâld.

Opperwachtmaster:

Ik haw opdracht, om trije op to bringen, en net i e n. En apropos, nou gjin lange forhalen mear. Us hynders wachtsje yn 'e trochreed. Jânsen, doch hwat dij sein is. *(Marechaussée bigjint harren hânboeijens oan to dwaen.)*

Wybren

(wiist forachtsum op boeijens): Is dit moatten? Wij bin gjin beesten!

Opperwachtmaster:

It is opdracht. Gean fierder, Jânsen.

Wybren

(biret tsjin Marten en Keimpe): Goed. Forset jim net. Wij bin joun wer werom.

Klaske

(mei oprôlle fûst foar opperwachtmaster): Mar.... mar Keimpe, ús Keimpe krijst net mei, forstieste....!! Dy jonge is noch net better....!

Opperwachtmaster:

(mei revolver op Klaske): Jo wolle miskien wol kalm wêze? Myn arrestaesjebifel is sà en net oars.

Wybren:

Byn dij yn, Klas. Wij passe op Keimpe. En wij sitte h j i r joun bij mem it âldjier út. En moarn, dan stean i k hjir yn Bitgum op 'e planken. Wacht, ik nim myn boekje mei. Klas, dêr leit it. Doch it mij even yn 'e bûs. *(Klaske docht it; marechaussée sjocht skerp ta.)*

Klaske:

Né, it binne gjin fjûrwapens....!!

Frou Hogerhuis

(falt forslein yn stoel del; faget eagen ôf): O, o, hwat is dit hwat.... As beesten nei 't slachthús....

Wybren:

Gjin noed, mem. Mar kalm oan. Wij hoege de eagen net del to slaen. En joun is alles wer foarbij. Klas, siz tsjin de lytse jonge dat omke syn kroadtsje móárn wol meitsje sil, wolste?

Opperwachtmaster:

Opsjitte....!!

Marten:

(laitsjend): Siz mar, dat de omkes nei 't hynstespul binne. Goeijèèè! *(Giet mei Wybren en Keimpe mei hannen op rêch ôf; marechaussée ek ôf.)*

Opperwachtmaster:

(sil ek ôf; keart him by doar om): Forskjinning kinne jim neistjûre. Hûs fan Biwarring, Ljouwert. *(Giet ôf.)*

Frou Hogerhuis

(stoarret lamslein nei doar): Hearst dat Klas....? Hwat dy man seit?

Klaske

(stiet mei oprôlle fûsten wyld om har hinne to sjen): Dat 's... dat 's om to hunen...! Allinne om to hunen! Se binne joun werom.... En oars helje ik se....! Mar Keimpe....!

Frou Hogerhuis

(springt oerein; fljocht nei skoarstienmantel, grypt dokters-fleske; tsjin Klas dy't it har ôfnimme wol: Né, né, ik sil sels.... Dy earme jonge.... *(Giet hastich mei fleske ôf.)*

Klaske

(rint op en del; falt forslein op stoel by tafel del; stoarret foar har út; ynhâlden forheftich; grimmitich laitsjend): Us jonges.... ynbrekkers.... ha, ha, ha! *(Earnstich en forwoeden.)* Gatse Haitsma.... Ymkje.... dat slodske.. dat serpint....!!

7e TOANIEL.

(Klaske; Paulus.)

Paulus

(komt op sûnder wynsel om hân; pakt syn swipe fan groun; docht reade lint der ôf en stekt it forsichtich yn bûse): Se bin fuort, hè, dy bloedhounen.... Ik ha se fuort gean sjoen, de jonges.... Oan it seal fan 'e hynders fêstboun, sa rounen se.... It gong mij troch alles hinne.... As ik mei 't ien of oar helpe kin, Klaske.. ..Dou witst, ik stean altyd foar dij klear.... Sit mar net yn noed, ju.... Lang kin it noait duorje.. ..Se kinne har neat biwize ommers....

Klaske

(stoarret stiif foar har út; mei rêch heal nei him ta): Jow dy ôf....! Wezeling....!

Paulus

(forheard by doar): O.... eh.... ik wist net, dat eh.... *(Giet hastich ôf.)*

Klaske

(stoarret skoft foar har út; stadich en dof): O God....! Forskjinning neistjûre.... Forskjinning neistjûre....

DOEK.

EIN FAN IT TWADDE BIDRIUW.

TREDDE BIDRIUW

(Kabinet fan Rjochter-Kommissaris to Ljouwert; monumintale dûbele doar op eftergroun; dêrefter wyt moarmeren gong; oan wjerskanten dêrnjonken oan lewant in portret fan jonge keninginne Wilhelmina en in gipsen byld fan Frouwe Justitia; rjochts en lofts in mânske tafel mei grien lekken, hwerop wetboeken, mappen, skriuwark en jiskebak; efter elke tafel in noflike, byldhoude stoel; lytse, legere tafel yn midden op foargroun; tsjin eftergroun seis gewoane stuollen; oan plafond in ljochtkroan; op rjochtse tafel boppedat in sulveren sigaredoaze, lúsjefershâlder en snúfdoaze; efter rjochtse tafel tsjin lewant in âlderwetske lûkbel; it is bigjin 1896.)

1e TOANIEL.

(Rjochter-Kommissaris; Griffier.)

Rjochter-Kommissaris

(komt mei griffier efter him deftich yn swart op; rint op rjochtse tafel ta, munsteret hwat dêr op leit): Hm. It dossier leit wol ré, sjoch ik. Mar de karaft mei wetter hawwe se wer ris forgetten.

Griffier

(hat skriuwmap ûnder earm, kwakt dy op loftse tafel del; giet nonchalant op tafelshoeke sitten; rekt him gapjend út; heal laitsjend): Al wèr toarst, Braspenninck?

Rjochter-Kommissaris

(lûkt oan skille; giet stinnend sitten efter rjochtse tafel; rûkt ris oan snúfdoaze; dipt foarholle ôf mei bûsdoek; makket lorgnet skjin; gysgobjend): Hm. Toarst. Allinne hwat in droech palatum. Mar as ik jó sa ris observearje, Ten Booscate, dan siz ik, né, de jonker is net alhiel frij fan Katzenjammer.

Griffier

(gapjend): Bytsje pine yn 't hier wòl ja. Mar mei permisje, Braspenninck, jo spilen ek net swak bij, justerjoun yn 'e kegelklub.

Rjochter-Kommissaris:

Ja, it wie wòl hwat men neamt in.... in âlderwetse joun, hé? Bacchus kin net kleije dat er net oanbidden is fannacht. Ik hie him alteast hwat méár offere as.... as it klubreglemint foarskriuwt.

Griffier:

Om earlik to wêzen, fan alve ûre ôf haw ik gjin kegel mear sjoen!

Rjochter-Kommissaris:

Och, Ten Booscate, jimme jongeren witte net mear hwat drinken is, hé? Yn myn Leidske studintetiid dan draeiden wij op 'e kroech soms trije kear fjouwer-en-tweintich ûren troch. En net op spuitwetter. Ha, ha!

Griffier:

Ah, dan hie jou koetsier dòchs gelyk.

Rjochter-Kommissaris:

Myn koetsier? Hat dy.... eh....? O, ien fan syn stereotipe grapkes, forûnderstel ik?

Griffier:

Né, né, moatte jo ris hearre. De nijste Witz.... Fannacht doe't ik jo mei syn help yn it koetske flijd hie, witte jo, hwat de âlde doe tsjin mij sei? Us mynhear, Baron Braspenninck, sei er, dy k i n net ûnbikwaem. Mynhear de Baron is wol safolle fan dat tinne guod treast, dat dêr kin wol in trijemester yn lavearje! Ha, ha! Hoe fine jo 'm, Braspenninck? Ha, ha, ha!

Rjochter-Kommissaris

(sûr-swiet laitsjend): Wel, dy âlde hynstebeul. Nou, de mop is goed! Tja, Ten Booscate man, sa wurdt men legindarysk bij jins tsjinstberen. Sa krije se respekt, hé? *(Lûkt jitris oan skille.)* Hwer bliuwt dy slûge fjildwachter nou wer? Soa, in trijemester....

Griffier

(slacht himsels fan wille op 'e knibbel): De Witz is puik, net? Puik is er! Echte folkshumor. Vox populi, vox Dei. *(Komt him hwat yn 't sin.)* Siz, Braspenninck.... dy mop hiene jo fannacht moai fortelle kinnen.... op Weaze nûmer trettjin.... De schöne Marjan hie 'm fêst wurdearre.... *(Der wurdt op doar kloppe.)*

Rjochter-Kommissaris:

(wart mei hân ôf): Tut, tut, tut, tut! Foarsichtich in bytsje!
(Lûder): Ja!

2e TOANIEL.

(De oaren; fjildwachter.)

Fjildwachter

(bliuwt by doar stean): Goemoarn, mynhear de Rjochter-Kommissaris. Goemoarn, mynhear de Griffier. Hie mynhear de Rjochter skille?

Rjochter-Kommissaris:

Al twa kear. Dat wol dus sizze, ienkear to folle. Fjildwachter, bring daliks in wetterkaraft mei twa glêzen. Dy hawwe se wer ris forgetten hjir.

Fjildwachter:

Jawòl, mynhear de Rjochter-Kommissaris. *(Sil ôf, bitinkt him; keart him skruten om.)* Is mynhear de Rjochter der mei bikend, dat de trije fortochten út it Hûs fan Biwarring oankommen binne?

Rjochter-Kommissaris:

(sjocht yn dossier; stadich him to binnen bringend): De... trije.... fortochten.... Ja, ja, o ja, der wiene trije, hé? Ja.... En.... eh.... de oaren? De getugen?

Fjildwachter:

Yn 'e wachtkeamer, mynhear de Rjochter.

Rjochter-Kommissaris:

Hm. Bring de corpora delicti fan dizze ynstruksjesaek binnen.

Fjildwachter:

Jawòl, mynhear de Rjochter. *(Sil ôf.)*

Rjochter-Kommissaris:

Eh.... fjildwachter!

Fjildwachter:

Ja, mynhear de Rjochter?

Rjochter-Kommissaris:

Helje éárst dy glêzen hjirre, hé? En lètter pas dy corpora. Goed bigrepen?

Fjildwachter:

Jawòl, mynhear de Rjochter. *(Giet ôf.)*

Rjochter-Kommissaris

(rint mei sigarekistke nei griffier): Doch mij in plezier, Ten Booscate, en wês binnen dizze muorren in tikje foarsichtiger mei it neamen fan bipaelde nammen en adressen. Sigaer?

Griffier

(nimt in sigaer): Peccavi, Braspenninck, peccavi. It ûntfoel mij efkes. Mar leau mij, né wier, ik bin oer dat fan fannacht.... sans rancune.... absolút.... Ik gunde se jo fan herten.... Né wier, it is bij mij gjin gefal fan minneniid.... Ha, ha! Quod licet Iovi, non licet bovi....!

Rjochter-Kommissaris

(nimt ek sigaer): Justement, amice.... Quod licet Iovi.... En dat bitsjut yn dizzen, frij fortaeld: In âlde bok mei noch wol ris in grien bledtsje.... Ha, ha, ha!

Griffier:

Grien.... de schöne.... grien....?!

(Hja gysgobje en stekke oan; fjildwachter komt op, set karaft mei wetter en twa glêzen op rjochtse tafel; giet swijend wer ôf.)

Rjochter-Kommissaris

(set glêzen út, hellet bosk kaeijen út bûse, makket laed yn tafel iepen; hellet dêr jeneverkrûk út): Itselde resept as fan âlds, amice? *(Skinkt mei triljende hân glêzen fol út krûk.)*

Griffier:

Jo puozje, Braspenninck.

Rjochter-Kommissaris:

Och kom. Haw altyd in moaije hân fan skinken hawn.... Witte jo, hwat dy âlde dichter seit?

„Die Philosophie ist eine Gottesgabe.
Es gab Philosophen die nie ein Tröpfchen getrunken haben,
Glaubt Ihr, dass sie im Grabe weniger gestunken haben?"

Griffier

(klapt yn hannen): Bravo, bravo!

Rjochter-Kommissaris

(as der kloppe wurdt): Né....!! *(Berget krûk wer op en slút laed; mei glês omheech, heal lûd, mei in each op doar):* Prosit, amice!

Griffier

(glês omheech): Prosit, Jupiter!
(Der wurdt wer kloppe; hja geane smokend mei glês foar har elk by in tafel sitten.)

Rjochter-Kommissaris:

Ja! *(Tsjin fjildwachter, dy't opkomt en op middelste tafel ien en oar delleit):* Hm. De corpora delicti. Hoefolle binne der?

Fjildwachter:

Fjouwer stiks, mynhear de Rjochter. De beide dievelantearntsjes, it tafellekken en de revolverkûgel.

Rjochter-Kommissaris

(sjocht yn dossier foar him): Komt út. Hjit de oare fjildwachter út myn namme dat er binnenliedt de oanbringer yn dizze saek Gatse Haitsma en de froulike getuge à charge Ymkje Jânsma. En as ik skilje, bringe jò de oare getugen hjir.

Fjildwachter:

Jawòl, mynhear de Rjochter-Kommissaris. *(Giet ôf.)*

Griffier

(bioarderet papieren; leit skriuwark ré): In tsjuster saekje, Braspenninck, dy ynbraek dêr bij Bitgum.

Rjochter-Kommissaris:

Tsjuster? Trochsichtiger sûnder twivel as jo tinke, Ten Booscate. In heechst brutale oanslach fan trije anarchisten tsjin húsfrede en privaet-bisit, sa sjoch ik it.

Griffier:

Mar sa't mij foarstiet bifettet it foarlopich proses-verbael inkelde dubia, dy't frij swier wage.

Rjochter-Kommissaris:

Dubia binne der, wis. Dêrfoar is de saek ek noch yn it stadium fan foarûndersiik. Mar dizze ynstruksje móát liede ta fierdere rjochtsyngong. Der moat in glêshelder en rigoureus foarbyld steld wurde. Forjit net, griffier, wy hawwe hjir trije fortochten foar, hwa't de nim-en-yt-théory mei de memmetate ynjown is! Arbeiders, dy't ôfrekkene hawwe mei elke foarm fan gesach. Anarchisten yn ien wurd.

Griffier:

(gapjend): Jo sille gelyk hawwe. Ik dooch nou ienkear net foar ketterjager.

Rjochter-Kommissaris:

Tink oan Frankryk! Tink oan de bomoanslaggen dêrre fan soartgelikense yndividuën! Tink oan de Dreyfus-affaire! As wij bij sókken de wet net tapasse yn syn meast fiergeande skerpte, ik freegje, griffier, hwer bidarret dan ús maetskippij? Hwer bliuwt dan, hwat de greate Thorbecke neamde, de majesteit fan it rjocht? *(Griffier nipt oan glês; bringt him stille dronk ta; hy folget dat foarbyld; der wurdt kloppe.)* Ja!

3e TOANIEL.

(De oaren; Gatse; Ymkje; 2e fjildwachter.)

Rjochter-Kommissaris:

(heal lêzend): Jo binne Gatse Haitsma, ûngetroud, âld 63 jier, rêstend lânbouwer, domicily hawwende op de saneamde Pôlle ûnder Bitgum, Menaldumadiel?

Gatse.

(hat pleister op wang): Ja, mynhear de Rjochter, dy bin ik.

Rjochter-Kommissaris:

Jo binne Ymkje Jânsma, ûngetroud, âld 28 jier, fan birop húshâldster, domicily hawwende bij de hear Gatse Haitsma niisneamd?

Ymkje:

Ja, mynhear. Ymkje, hear!

Rjochter-Kommissaris:

Ik moat, as Rjochter fan Ynstruksje, bilêstge mei it foarûndersiik yn dizze strafsaek, jimme beide inkelde fragen stelle. Mynhear de Griffier, jo binne safier?

Griffier:

Jawòl, mynhear de Rjochter-Kommissaris.

Rjochter-Kommissaris:

Yn de nacht fan 5 op 6 Desimber fan it foarige jier 1895 is der bij jo, Gatse Haitsma, tusken 11 en 12 ûre ynbrutsen troch trije persoanen. Twa fan harren forcearren har in

tagong ta jou wenfortrek, anneks sliepfortrek, troch in finster to forbrizeljen. Der is doe yn it tsjuster in fjochtpartij ûntstien, hwerbij fan de kant fan de ynbrekkers twa revolverskotten lost binne?

Gatse.

(wiist nei pleister): Ja, mynhear de Rjochter, ien kûgel skampte mij lyk bij de k.... bij de holle lâns.

Rjochter-Kommissaris:

(wiist nei taffeltsje): De restanten fan dizze kûgel, hjir as corpus delicti oanwêzich, wiene ôfkomstich út in revolver fan 9 millimeter kaliber. Dizze kûgel is letter troch de verbalisearjende polysje-amtner yn heal forsplintere tastân oantroffen efter it bihang fan jou wenkeamer?

Gatse:

Ja, mynhear, dat komt goed.

Rjochter-Kommissaris:

De ynbrekkers, wierskynlik bang foar herkenning, hawwe doe troch it forbrizele finster de flecht nommen mei efterlitting fan in saneamd dievelantearntsje?

Gatse.

(wiist nei taffeltsje): Ja, mynhear, dat iene dêrre, sjoch 'k wol, dat is 't.

Rjochter-Kommissaris:

Fierders binne der bloedspoaren foun op it finsterbank bij it fornielde finsterglês. Wiene dy bloedspoaren ôfkomstich fan ien fan de ynbrekkers, tinkt jo?

Gatse:

Ja, mynhear de Rjochter, dat kin net oars, sjoch!

Rjochter-Kommissaris.

(wiist nei eigen wang): Mar jó wiene dochs forwoune.

Gatse:

Ja, mar dat bloed siet op it bûtenfinsterbank, sjoch! En dêr ha ik bij myn witten noait west. It moat fan ien fan 'e ynbrekkers wêze, dy't him oan it glês biseard hat, doe't er nei bûten sprong.

Ymkje

(fûl): Ja just, Wybren, hij hie him de kop fyn snije moatten.

Rjochter-Kommissaris:

Tut, tut, tut! Jo meije net foarút rinne op hwat ik freegje. Wij geane fierder. Ien fan 'e ynbrekkers wie maskere mei in wite doek oer de holle hinne, hweryn twa roune gatten om de eagen frij to litten?

Gatse:

Ja, mynhear de Rjochter.

Ymkje:

Ja mynhear, roune gatten, twa, hear!

Rjochter-Kommissaris

(jowt fjildwachter de wink; dy giet nei foaren, hâldt lekken, hweryn twa gatten, omheech): Kin it dit wite tafellekken wêze?

Gatse:

Nou, dat 's al hwat min to sizzen, mynhear, hè? It wie tsjuster, wier?

Ymkje:

It liket der wol hwat op, Gatse. Dit is ek wyt. En der sitte ek twa roune gatten yn.

Rjochter-Kommissaris:

It foarlopich proses-verbael makket fierders gewach fan in trêdde persoan, dy't bûten op wacht stie. Hoe wie it jimme bikend, dat dy trêdde persoan oanwêzich wie?

Gatse:

Nou, mynhear de Rjochter, dat siet sjesa. Myn jonge húshâldster wie fansels gâns oerstjûr. Sij soe hurd ta de útdoar út nei bûten fleane en sij waerd dêr doe keard troch.... eh.... troch dy trêdde persoan, sil 'k mar sizze.

Ymkje:

Ja, Keimpe hâldde de doar fêst fan bûten. Sjoch, mynhear, it wie winliken sa om en ta gongen. Wij wienen dy sinteklaesjoun al ridlik yntiids út 'e wei gongen, ik en Gatse. En ik sliep dan hwat licht, sjoch, hwant ik ha gauris lêst fan myn séééénuwen, moat mynhear tinke. Jááá, dan bin 'k

soms sá raer.... o sa raer.... En doe sei ik tsjin Gatse, ik sei *(sunich):* stil, ik hear hwat.... der koenen wol guodden om it hûs strune.... En ik hie 't noch net sein.... dêr ynienen.... o, mynhear, ik moat der net oan tinke.... mei barstend geweld....

Griffier

(gnyskjend): Mynhear de Rjochter-Kommissaris, mei ik sa frij wêze en stel hjir in lytse tuskenfraech? *(Tsjin Ymkje):* Wienen jo, Ymkje Jânsma, op dy lette ûre sà ticht bij de hear Haitsma, dat jo sa mar mei him flústerje koene?

Ymkje:

Nou, flústerjen wie it net, mynhear, hear! Né, flústerjen net....! Ik.... eh.... rôp mear, sjoch! Ja, ik rôp, sjoch, fan 't oare bedsteed ôf, bigrypt mynhear wol?

Griffier

(droech): O just. *(Tsjin Rjochter-Kommissaris):* Quod licet Iovi, non licet bovi. Tankjowol, mynhear de Rjochter-Kommissaris! *(Nipt oan glês; set him wer ta skriuwen.)*

Rjochter-Kommissaris

(tsjin Gatse, dy't ûnder lêste wurden ûnrêstich hinne en wer skeukt): Oare fraech. Jo, Gatse Haitsma, sawol as jou húshâldster Ymkje Jânsma hawwe op 30 Desimber 1895 tsjinoer de opperwachtmaster fan de Keninklike Marechaussée de forklearring ôflein, dat jimme yn de trije ynbrekkers dúdlik herkend hawwe de trije bruorren Wybren, Marten en Keimpe Hogerhús, ôfkomstich fan Bitgum? Hokfoar reden hiene jimme om oan to nimmen dat it dizze trije wiene?

Gatse:

Nou, mynhear de Rjochter, troch it stikkene finster ha wij se fuortdraven sjoen. De moanne wie opkommen, dat sadwaende wie it hwat ljocht bûtendoar, sjoch? Der wienen trije, dat wie klear to sjen. En bij de Swarte Hikke dêr draeiden se dat op nei Bitgum.

Rjochter-Kommissaris:

Mar it kinne dochs ek trije oare persoanen west hawwe, dy't dy kant op wennen?

Ymkje:

Né, mynhear, dat sil 'k mynhear sizze. Dy twa ynbrekkers, wier....? dy't yn 'e keamer wienen.... nou, dy iene boldere tsjin Gatse, tsjin Haitsma dan, hè.... hij raesde: It is ús foar den bliksem om dyn jild to dwaen!! Ja.... sokke rare wurden.... En.... eh.... hij fordraeide syn lûd hwat, mynhear, hear.... mar.... ik hearde dúdlik dat it Wybren syn stim wie.... dúdlik, hear....! O, sa dúdlik....!

Rjochter-Kommissaris:

Kóénen jo Wybren Hogerhús dan persoanlik sa goed?

Ymkje:

Nou, wol hwàt, mynhear, hear, wol hwàt....!

Gatse:

Hwat m ij eins yndachtich makke, mynhear de Rjochter, dat wie mear sa't dy iene ynbrekker oer it finsterbank hinne nei binnen sprong, sjoch.... Sa linich.... sa bitûft.... Dêr murk ik oan dat it Wybren wie. Sa sprong er ek altyd oer de hikke as er bij ús it hiem op kaem.

Rjochter-Kommissaris:

Ah, dus Wybren kaem wol bij jo oan hûs?

Gatse:

Ut en troch, mynhear. It wie om sa mar út to drukken.... Nou ja, siz dou it mar, Pym fanke.

Ymkje:

Och, mynhear moat rekkenje, wij hienen hwat.... eh.... forkearing, sjoch, de lêste tiden, ik en dy Wybren. Dêrom kaem er wol bij mij en Gatse oer de flier. En sadwaende wist er ek krekt hwer't Haitsma syn jild biwarre, bigrypt mynhear wol?

Rjochter-Kommissaris:

Ah. Mynhear de Griffier, wol dizze meidieling foaral wurdlik yn it proses-verbael opnimme. *(Tsjin Ymkje):* Dy.... eh.... forloving is nou grif wol oan 'e kant?

Ymkje:

Ik ha 't daliks útmakke, dat bigrypt mynhear wol, forgoed út. O heden né hear, ik moat neat mear fan dy fint ha, neat....!

Rjochter-Kommissaris:

Dat lit him forstean. De ynbraek hat pleats hawn op 5 Desimber. Jimme niisneamde identiteitsforklearringen oan de marechaussée binne pas ôflein op 30 Desimber. Dat is 25 dagen letter. Hwerom daliks net mei de wierheit foar it ljocht to kommen?

Gatse:

Earlik sein, mynhear de Rjochter, dat wie bangens. Prinsepeal wie it bangens bij ús allebeide. Dat kin 'k mei in wurd fan wierheit sizze. Sjoch, wij wisten it nou, wier? dy trije banditen stienen foar neat. Dat wij doarsten ús earst mar min to oppenearjen, mynhear, hè?

Rjochter-Kommissaris:

Noch ien fraech. Is it ien fan jimme bikend, dat ien fan de Hogerhuzen yn it bisit wie fan in fjûrwapen? In revolver fan njoggen millimeter kaliber?

Gatse:

Dêr is mij neat fan bikend, mynhear de Rjochter.

Ymkje:

Nou't mynhear it seit, ja, Wybren hat wol ris tsjin mij útlitten, hij woe sa'n ding noch ris ha, as er it jild der foar hie.

Rjochter-Kommissaris:

Ah! Mei hokfoar doel woe er dat, tinkt jo?

Ymkje

(wiist op Gatse syn pleister): Om to sjitten, mynhear hè, om to sjitten....!!

Rjochter-Kommissaris

(lûkt oan skille): Hm. Binne de beide getugen ré en yn steat om itjinge se hjir bij dizze ynstruksje sein hawwe, foar de Rjochtbank to herheljen en ûnder ede to bifestigjen?

Gatse en Ymkje:

Ja, mynhear de Rjochter.

Rjochter-Kommissaris:

It is goed. Jimme binne yn earste ynstânsje heard. Wês sa goed, en gean dêr sitten. *(Wiist stuollen oan.)*

4e TOANIEL.

(De oaren; frou Hogerhuis; Klaske; 1e fjildwachter.)

Rjochter-Kommissaris:

Jo binne Japke Hogerhús, widdou, âld 67 jier, sûnder birop, domicily hawwende yn Bitgum, Menaldumadiel?

Frou Hogerhuis:

Ja mynhear.

Rjochter-Kommissaris:

Jo binne Klaske Hogerhús, widdou, âld 27 jier, sûnder birop, ynwenjende dochter fan Japke Hogerhús niisneamd? Sjoch mij oan, getuge!!

Klaske:

Ja mynhear.

Rjochter-Kommissaris

(sjocht yn papieren): Ik fyn hjir noch in getuge à décharge neamd, oproppen nei ynkommen request fan de trije fortochten. Paulus van Dyk, âld 32 jier, fan birop frachtrider to Bitgum. Fjildwachter, bring de getuge Paulus van Dyk ek binnen.

1e Fjildwachter:

Mynhear de Rjochter, getuge Van Dyk hat oan de oprop gjin gefolch jown. Hij is net yn 'e wachtkeamer oanwêzich. *(Frou Hogerhuis en Klaske sjogge inoar ris oan.)*

Rjochter-Kommissaris:

Hm. Net oanwêzich. Net folle bilang dus bij syn confraters. Hawar, dat is foar letter.... Japke Hogerhús, ik hjit jo yn jou eigen bilang nei folle wierheit to antwurdzjen op neikommende fragen. Hoe let binne jou soannen yn 'e nacht fan 5 op 6 Desimber werom kommen fan 'e murdejacht?

Frou Hogerhuis:

It sil tsien ûre de jouns west ha, mynhear.

Klaske:

Ja, om tsien ûre presiis. Bitgum sloech krekt, doe hearde ik de beide jonges op bêd gean.

Rjochter-Kommissaris:

De b e i d e jonges. Dus de trêdde soan wie der net bij? Dy wie dus noch op 'e jacht?

Frou Hogerhuis:

Keimpe? Dy lei al in skoft, mynhear. Dy wie út stel.

Ymkje:

(fûl): Keimpe soe ek mei to murdjeijen, mynhear, hear! *(Wiist nei Klaske.)* Dat hat s ij mijsels forteld.

Rjochter-Kommissaris:

Hwannear hat Klaske Hogerhús jo dat forteld?

Ymkje:

Dyselde Sinteklaesjoun, mynhear, foar dy móárdnacht! Ik en Gatse ha dy jouns beide noch bij harren oer de flier west. N't Gatse? Dat wie sà, mynhear, sjoch, Haitsma hie dy jouns yn Bitgum hwat saken to dwaen.... ôfrekkenje mei in pear arbeiders, leau 'k.... n't Gatse? Nou, it wie oer slatten of sahwat en doe sei ik noch, ik sei, dan gean ik mei jo, sei 'k, ik sei, as it jo goed is, Haitsma, dan gean i k salang yn 'e buorren even....

Rjochter-Kommissaris

(hân omheech): Tut, tut, tut, tut! Bij de saek bliuwe. Gjin omwegen. *(Tsjin Klaske):* Jo hawwe dus tsjin getuge Ymkje Jânsma sein, jou bruorren soene alle trije dy nachts op 'e jacht?

Klaske:

Dat ha 'k sein, ja. Mar letter op 'e joun is dat foroare. Us Keimpe waerd net goed. Dy krige.... nou ja.... dy bloedspuijing.

Rjochter-Kommissaris

(tsjin Gatse): Hawwe jó Keimpe op dy joun fan 5 Desimber ek sjoen of sprutsen yn it hûs fan de widdou Hogerhús?

Gatse:

Né, mynhear de Rjochter. Dat kin 'k mei in wurd fan wierheit sizze. Né. Wybren wòl. Mar Keimpe wie mei syn oare broer oan 't wurk yn 't braekhok.

Rjochter-Kommissaris

(mei glimke tsjin Griffier): Hm. Oan 't wurk èn bloedopjaen. Dat is frjemd.... dat is tige frjemd. *(Strang tsjin frou Hogerhuis en Klaske):* Wij moatte hjir de wierheit, getugen! Neat as de wierheit....!!

Frou Hogerhuis:

Dy oerhael fan Keimpe, dat wie letter op 'e joun, mynhear. Doe wienen d y t w a al wer fuort.

Klaske

(grimmitich): Gelokkich al.

Rjochter-Kommissaris

(gappet forhoalen, faget foarholle ôf; nipt oan glês): Hm. Gjin ûnnedige kommentaren. Hoefolle lantearntsjes wiene der yn jou hûs oanwêzich op 5 Desimber, getuge Japke Hogerhús?

Frou Hogerhuis:

Ien, mynhear, dat fan ús Wybren. Marten en Keimpe hienen gjin.

Rjochter-Kommissaris,

(wiist nei taffeltsje): Wiis mij fan dy twa lantearntsjes dêrre dat fan Wybren oan. *(Frou Hogerhuis giet nei foaren; wiist it oan.)* Hm. Dus dat oare lantearntsje is jo ûnbikend?

Frou Hogerhuis:

Dat is uzes net.

Rjochter-Kommissaris:

Nei jou plak. *(Jowt 2e fjildwachter de wink; dy giet nei foaren en hâldt lekken omheech.)* Jo sjogge, dat is it biwuste tafellekken dat op 31 Desimber yn jou hûs yn bislach nommen is.

Klaske,

(smeulsk): Ja, mar doe wie 't heel en stoppe, mar nou net.

Rjochter-Kommissaris:

Swij! Dy stoppen binne op lêst fan de Justysje forwidere. *(Tsjin frou Hogerhuis):* Hwannear hawwe jo dy stoppen yn dat lekken oanbrocht?

Frou Hogerhuis:

Dat wie op Sinteklaesjoun.

Rjochter-Kommissaris:

Net.... eh.... de deis dêrnei bijgelyks?

Frou Hogerhuis:

Né, mynhear. *(Wiist nei Ymkje):* Mar dat kin s ij dêr getuge! S ij hat der bij sitten dy jouns, doe 'k der mei oan 't stopjen wie! Wij ha 't der noch togearre oer hawn, oer dat lekken.

Ymkje:

Se lige 't, mynhear, hear! Se lige 't allegear! Ik wit fan gjin lekken en fan gjin stopjen.... ! Ik wit allinnich dat Wybren it oer syn gemene kop hie, dy nachts. De gatten sitte der ommers noch yn!

Frou Hogerhuis

(bynt har yn): Bitink goed, hwatst dêr seiste, Ymkje!

Klaske

(forheftich): Skande.... ! Skande.. !!

Rjochter-Kommissaris:

Stilte! *(Tsjin Gatse):* Hawwe jó dat tafellekken sjoen dy jouns yn it hûs fan de widdou Hogerhús?

Gatse:

Ikke? Né, mynhear de Rjochter. Dat kin 'k mei in wurd fan wierheit sizze. Né. Ik bimuoi mij net mei frouljussaken.

Griffier

(sjocht glimkjend op): Hum, hum! *(Nipt oan glês.)* Quod licet Iovi....

Rjochter-Kommissaris:

Oant safier dan. De oanbringer Gatse Haitsma en de getuge Ymkje Jânsma kinne dit kabinet forlitte. *(Tsjin 2e fjildwachter):* Fjildwachter, bring nou de trije fortochten foar.

2e Fjildwachter:

Jawòl, mynhear de Rjochter-Kommissaris.

Frou Hogerhuis

(ûntdien tsjin Ymkje dy't mei oaren ôf sil): Bitink dij goed, Ymkje! Der is Ien dy't alles heart....!

Klaske

(grypt Ymkje by earm): Skande....! Skande....!! Wolst ús jonges yn 't grêf ha....?

Ymkje

(skuort har los): Lit my los, keale juffer!! *(Giet mei oaren ôf.)*

Rjochter-Kommissaris:

Ta de oarder dêrre! *(Tsjin frou Hogerhuis en Klaske):* It spyt mij, getugen, dat hjir op in ûnforantwurdlike wize mei de wierheit omsprongen wurdt. Tomear is dat spitich, omdat dit nei alle wierskyn de lêste kear is, dat jimme beide rjochterlik heard wurde.

Klaske:

Wol dat sizze.... Mar.... de rjochtbank skielk.... mem en ik dy moatte doch ek.... getuge.... ?

Rjochter-Kommissaris:

Soks stiet noch tige yn 'e kiif. Fanwegen bloedbisibbens yn earste en twadde graed tusken jimme en de fortochten, sil de Offisier fan Justysje it ûngaedlik achtsje jimme beide ûnder ede foar de Rjochtbank to hearren.

Frou Hogerhuis

(mei triljend lûd): Mar... se hà 't net dien, myn jonges...! Altyd ha wij ús eigen brea iten....! Ik ha se der net foar opbrocht, mynhear, foar it tichthús....! Unskuldich bin se.... alle trije....! Ik ha se der net foar opbrocht....

Rjochter-Kommissaris

(wart ôf mei hân): Gjin scenes, frou. *(Tsjin 1e fjildwachter):* Dizze getugen kinne gean. *(Rint nei Griffier ta, bûcht him oer dy syn tafel; flústeret mei Griffier mei rêch nei doar ta.)*

5e TOANIEL.

(De oaren; Wybren; Marten; Keimpe; 2e fjildwachter.)

(Wybren syn holle is kealskeard; de beide oaren harres net; hja drage selde klean as yn twadde bidriuw; Wybren hâldt him moedichst; Marten en Keimpe litte holle hingje.)

Frou Hogerhuis

(kriget ûntdien Wybren by earms): Och jonges, bin j i m dêr? Wybren.... hwat sjochst der út.... hwat bist meager, jonge....

1e Fjildwachter:

Trochrinne....! Opsjitte....!!

Wybren

(wart frou Hogerhuis sêft ôf): It mei net, mem. Stil mar, wij binne gau wer bij mem thús.. Ienkear wurdt der rjocht sprutsen.... Dat kin net oars.... Klas, doch de lytse jonge de groetenis fan 'e omkes.... En it kroadtsje.... lit dat bij de timmerman meitsje.... foar myn rekken....

Klaske

(triennen yn har lûd): Ja, Wybren....

2e Fjildwachter:

Gjin gepraet mear....! Aveseare jimme....!!

Frou Hogerhuis

(kriget Keimpe en Marten beet): Keimpe, tink om dijsels, ast kinste....! En Marten, de holle omheech, jonge.... It komt wol goed.

Rjochter-Kommissaris

(draeit him om nei doar ta): Eh.... gjin scenes, siz ik! Fjildwachter!

Frou Hogerhuis

(wurdt troch 1e fjildwachter meiskuord en mei Klaske de gong ynsleept): De wierheit, jonges....! Neat as de wierheit....! *(Ropt út gong wei):* En mar moed hâlde hear...! Mar moed hâlde....!! *(Giet mei Klaske en 1e fjildwachter ôf; 2e fjildwachter docht rimpen de doar ticht; 1e fjildwachter komt letter wer op.)*

Rjochter-Kommissaris

(giet nei syn plak werom; giet noflik en stinnend sitten; rûkt oan snúfdoaze): Ik winskje hjir rêst en oarder. *(Nipt oan glês.)* Fjildwachter, hâld bij jou surveillance rekken mei de kriminele status fan dizze delinquenten!

2e Fjildwachter

(lûkt revolver): Jawòl, mynhear de Rjochter-Kommissaris.

Rjochter-Kommissaris:

Jo binne Wybren Hogerhús, ûngetroud, âld 32 jier, fan birop ferver; domicily hawwende yn Bitgum, Menaldumadiel?

Wybren

(helder-op): Ja, mynhear de Rjochter-Kommissaris.

Rjochter-Kommissaris:

Jo binne Marten Hogerhús, ûngetroud, âld 26 jier, los arbeider, domicily hawwende yn Bitgum, Menaldumadiel?

Marten

(dof): Ja mynhear.

Rjochter-Kommissaris

(gappet efter hân): Jo binne Keimpe Hogerhús, ûngetroud, âld 36 jier, los arbeider, domicily hawwende yn Bitgum, Menaldumadiel?

Keimpe

(dof): Ja....

Rjochter-Kommissaris:

Eh.... hjir wurdt mei twa wurden sprutsen!

Keimpe

(binnenmûlsk): Ja mynhear.

Wybren:

't Is gjin ûnfatsoen, mynhear de Rjochter. Wy binne net opbrocht, om oare wurden to sizzen as wij sizze wolle. Mar myn broer is net al to sterk. *(Wiist nei stuollen.)* Hij soe graech permisje ha wolle om to sitten.

Rjochter-Kommissaris:

Né!

Griffier

(spytgnyskjend). Sitte kinne de hearen wierskynlik noch lang genôch.

Rjochter-Kommissaris

(tsjin bruorren): Antwurdzje koart en nei wierheit op myn fragen. En swij oer dingen dy't net ta de saek dogge.... Yn de nacht fan 5 op 6 Desimber fan it foarige jier 1895 is der bij de hear Gatse Haitsma ûnder Bitgum tusken 11 en 12 ûre ynbrutsen troch trije persoanen. De biwenners fan it hûs, Gatse Haitsma en syn húshâldster Ymkje Jânsma hawwe tsjinoer de marechaussée en tsjinoer mij iepentlik forklearre, dat hja dy nachts yn de trije ynbrekkers herkend hawwe de bruorren Wybren, Marten en Keimpe Hogerhús. *(Tsjin Wybren):* Bikenne jo dizze ynbraek-mei-writen-ta-deaslach mei pleegd to hawwen?

Wybren:

Né, mynhear de Rjochter, dat û n t ken ik.

Rjochter-Kommissaris

(tsjin Marten): En jo?

Marten:

Né, mynhear, wy ha 't net dien.

Rjochter-Kommissaris

(tsjin Keimpe): En jo?

Keimpe:

Dêr stean wy bûten.

Rjochter-Kommissaris

(gappet wer): Hm. Es ist eine alte Geschichte.... Fan jimme kant, fortochten, is der, sij it ûntidich en foarbarich, in request yntsjinne om yn dizze strafsaek as getuge to biheljen Paulus van Dyk, frachtrider to Bitgum. Hwat wie de reden fan dat forsiik?

Wybren:

Paulus van Dyk is de iennichste dy't alteast myn broer Keimpe in alibi jaen kin, mynhear de Rjochter. Mei him haw ik Sinteklaesjoun op syn karre in sek earte forfierd. En ik haw doe tsjin him sein, dat Keimpe n e t mei soe to murdjeijen.

Rjochter-Kommissaris:

Hm. Swakjes, sa'n alibi-biwiis. Is dizze Van Dyk famylje fan jimme?

Wybren:

Gjin famylje.

Rjochter-Kommissaris:

In goefreon soms?

Wybren

(yn bistân): Wol.... sahwàt....

Rjochter-Kommissaris:

Dizze getuge is oproppen foar dit ynstruksjeforhoar. Hij is lykwols net forskynd. Hwat kin de reden wêze, dat getuge Van Dyk net oanwêzich is?

Wybren:

Dat wit ik net.

Rjochter-Kommissaris

(gnyskjend): W i t er to folle fan jimme? Fortrout er jimme net?

Wybren:

Dat wit ik net. Dat soenen jo himsels freegje moatte.

Rjochter-Kommissaris:

Tut, tut, tut, tut! Gjin brutaliteiten! Fortochte Keimpe Hogerhús, hoe let kamen jimme werom fan dy murdejacht?

Keimpe:

Wit ik net. 'k Wie der net bij, mynhear.

Marten:

't Wie krekt tsien ûre doe't Wybren en ik thús wienen.

Rjochter-Kommissaris:

Tut, tut, tut, tut....! Swij....! *(Tsjin Keimpe.)* Hoe let hat dy saneamde bloedspuijing pleats hawn?

Keimpe:

Dêr ha 'k wol oan. 'k Wist fan 'e wrâld n't ôf. Mar se sizze, 't wie sahwat sawn ûre.

Rjochter-Kommissaris:

Soa, just, s e sizze. Hm. *(Tsjin Marten):* Fortochte Marten Hogerhús, jo krigen dy biwuste joun yn it saneamde b r a e k h o k — hjit it sa net? — jo krigen in forwouning oan jou lofter wiisfinger. Neffens it medysk rapport fortoant de groede in frij djippe sneed, foroarsake troch skerp materiael. Hoe let wie dat, dy forwouning?

Marten:

Dat sil healwei sawnen hinne west ha, mynhear.

Rjochter-Kommissaris:

Wiene jimme doe noch sa let oan it wurk.... oan it.... eh „bra-ken"?

Marten:

Ja mynhear, wij makken lange dagen, oars koenen wij gjin deihiet hâlde.

Rjochter-Kommissaris

(gnyskjend tsjin griffier): As wij „bra-ke", dan is it noch wol ris folle letter. Eh.... hwerom hawwe jo gjin dokter rieplachte?

Marten:

Och, sa slim wie 't net. Wij-lju fleane net sa gau nei dokter.

Rjochter-Kommissaris:

Né, dat merk ik. *(Tsjin Wybren):* Fortochte Wybren Hogerhús, jo hawwe yn eh.... yntime forhâlding stien ta de húshâldster Ymkje Jânsma?

Wybren:

Ja, al even tominsten.

Rjochter-Kommissaris:

Om hokfoar reden is dy forhâlding ôfbrutsen?

Wybren:

Omdat der yn d i z z e maetskippij foar ús-lju gjin foarútsicht is, mynhear. De arbeider, dy't winterdei syn eigen brea ite wol, dy kin net oan trouwen tinke. En dan is der noch in reden, mar dêr swij ik leaver oer.

Rjochter-Kommissaris

(skerp): Hjir.... wurdt.... neat.... forswijd....!!

Marten:

It frommis doogde net, mynhear. Dy âlde Gatse wie net frij fan har.

Griffier

(gnyskjend): Hum, hum!

Rjochter-Kommissaris:

Ah, dus Wybren hie in konkurrint, bigryp ik. *(Tsjin Griffier):* Un fâcheux troisième. *(Tsjin Wybren):* Hwannéár is dy forhâlding ôfbrutsen?

Wybren:

Op Sinteklaesjoun. Bij mij thús.

Rjochter-Kommissaris:

Al wer dyselde fatale fyfte Desimber.

Wybren

(strak): Mei ik freegje, mynhear de Rjochter-Kommissaris, hwat dizze lêste fragen út to stean ha mei ús arrestaesje?

Rjochter-Kommissaris

(batsk): Né, dat mei nèt! Binne der dy jouns fan jou kant bipaelde wurden fallen oan it adres fan Ymkje Jânsma?

Wybren:

Ja, tige hurde wurden.

Rjochter-Kommissaris:

Ah. Drigeminten grif?

Wybren:

Drigeminten fan myn kant net.

Rjochter-Kommissaris:

Jo kamen dus foarhinne faek bij Gatse Haitsma oan hûs. Wisten jo, hwer't de hear Haitsma syn jild biwarre?

Wybren:

Ja mynhear, yn it bedsteed. Dat hie Gatse mij sels wolris forteld. Dy hie 't altyd oer jild.

Rjochter-Kommissaris:

Hawwe jo tsjinoer Ymkje Jânsma forklearre, dat jo in fjûrwapen hawwe woene?

Wybren:

Dat is wol mooglik. Dat hat altyd myn sin west. Mar de finânsjes lieten it net ta.

Rjochter-Kommissaris:

Ah. Mynhear de Griffier, wol dit bynammen wurdlik yn it proses-verbael opnimme. *(Tsjin Wybren):* Hwerfoar moasten jo dy revolver brûke?

Wybren:

Revolver? Myn doel wie net in revolver, mar in gewear.

Rjochter-Kommissaris:

Hm. En hwerfoar moast dat gewear tsjinje? Foar politike doelen? Bitink dy goed!

Wybren:

Né, mynhear de Rjochter-Kommissaris. De politike en de soasiale striid is foar mij in striid fan de géást! Dat gewear moast ik brûke foar de einejacht hjerstmis.

Rjochter-Kommissaris:

Hm. Foar de einejacht. Der sit dus wol skuttersbloed yn dy. Lêste fraech. Jo wiene yn Bitgum lid fan it doarpstoanielselskip?

Wybren:

Ja mynhear, dat bin 'k nòch.

Rjochter-Kommissaris:

Hm. Dat lidmaetskip soe ik dan mar opsizze. *(Tsjin Marten):* Siz jo ris, fortochte Marten Hogerhús, is jou broer in goede toanielspylder? Ik bidoel, kin hij syn stim noch al maklik fordraeije?

Marten:

Us Wybren? Dy hat altyd in matsjedoar yn 't foardragen west, mynhear.

Wybren

(mei klam en stadichoan mei mear fjûr): Ik bigryp net, mynhear de Rjochter-Kommissaris, hwat der efter party fan dizze fragen stiket. Ik wit net, hwat foar ûndergrounske en duvelske machten dwaende binne myn broers en mij strikken to spannen. Mar ik wol bigryp freegje, foar hwat it sizze wol, ûnrjochtlik biskuldige en fêsthâlden to wurden. Wij binne jonges fan it frije fjild, mynhear, en fan de wide loften. De fjouwer muorren fan de sel weage ús as lead.... Wij hawwe thús in âlde mem, mynhear, dy't lijt om ús en dy't yn earmoede forkeart.... Wij wolle ús frijheit werom.... Wij wolle ús rjocht... It rjocht fan ûnskuldigen... Mar ienkear, mynhear de Rjochter, dan sille wij it fine.... dat rjocht! Ienkear stoart dizze âlde, formôge maetskippij yn.... En dan komt mei gauwens in nijen.... In nije tiid.... Dan sil it rjocht net mear mei fuotten trape wurde as it giet om de arbeider.... Frijheit.... wierheit.... gerjochtichheit.... dy trije sille hearskje....

Rjochter-Kommissaris

(hat ûnder dizze wurden efkes forbûke efteroer yn stoel hongen; slacht mei fûst op tafel): Stil....!! Stil, siz ik dij....!! Dat is.... dat is.... anarchistetael....!

Wybren

(him mei geweld ynbinend): Mei ik de wierheit sizze?

Rjochter-Kommissaris

(razend): Né....!!! Ik slút hjirbij dizze ynstruksje. Fjildwachters, bring dizze trije arrestanten werom nei it Hûs fan Biwarring. En liz daliks op 'e gong de hânboeijens oan! *(Wybren, Marten, Keimpe en beide fjildwachters geane ôf; tsjin Griffier):* Hwat haw ik jo sein, Ten Booscate? In anarchistekomplot! In binde, dy't de grounslaggen fan ús maetskippij ûnderwrot! Brute tsjusterlingen...! Canaille...!!

Griffier

(kalm glimkjend): Wyn jo net op, amice, wyn jo net op. Kom, drink ris del. *(Hâldt glês omheech.)* Prosit! Op it wolslagjen fan dizze procedure. *(Beide drinke.)*

Rjochter-Kommissaris

(hinget wurch yn stoel): De lêste wurden fan dizze politike opruijer, hawwe jo dy goed wurdlik yn it proses-verbael opnommen, Ten Booscate?

Griffier:

Bij myn witten haw ik gjin wurd mist, Braspenninck. Prestaesje, hè? Mar jo wolle it hearre, goed. *(Lêst op droege toan):*

„Mar ik wol bigryp freegje, foar hwat it sizze wol, ûnrjochtlik biskuldige en fêsthâlden to wurden. Wij binne jonges fan it frije fjild, mynhear, en fan de wide loften. Punt. De fjouwer muorren fan de sel weage ús as lead. Wij hawwe thús in âlde mem, mynhear, dy't lijt om ús en yn earmoede forkeart. Wij wolle ús frijheit werom. Wij wolle ús rjocht. It rjocht fan ûnskuldigen. Punt. Mar ienkear, mynhear de Rjochter, dan sille wij it fine dat rjocht. Ienkear stoart dizze âlde, formôge maetskippij yn. En dan komt mei gauwens in nijen. In nije tiid. Dan sil it rjocht net mear mei fuotten trape wurde as it giet om de arbeider. Frijheit, komma, wierheit, gerjochtichheit, dy trije sille...."

(Hâldt hommels op; sjocht nei Rjochter-Kommissaris dy't mei de hân oan glês noflik efteroer yn stoel hinget; giet nei him ta; sjocht op him del.) Wel, wel.... De âlde sliept.... *(Gnyskjend):* Dreamt fan de schöne....

DOEK.

EIN FAN IT TREDDE BIDRIUW.

FJIRDE BIDRIUW

(Sel fan Wybren Hogerhuis yn Bysûndere Strafgefangenis to Ljouwert; keale, sombere muorren; op eftergroun hwat nei rjochts doar mei traeljes, hwerefter lûk dat delklapt kin; op foargroun lofts boppe-oan traeljefinster, dêr't ljocht troch falt; fierdere forljochting sa skimerich mooglik; yn lofter efterhoeke in latrinetûne; in wetterkrûk, itensblik en kofjemok yn in nis yn sydmuorre; rjochts fan siden in opklapte brits; oan eftermuorre in skuorkalinder, hwerop dúdlik sifer 30; yn midden houten bank mei dêrnjonken steapel fan sawn kartonnen doazen; losse stikken karton en plakselguod op flier der nêst; it is Aldjiersdei 1899.)

1e TOANIEL.

(Wybren.)

Wybren

(klaeid yn brune tichthúsklean; kealskearde holle; sit op bank; is dwaende in doaze to plakken; as dy klear is, set er him boppe op steapel njonken him): Sa, dat is wèr ien sûnder bien, sei de man.... *(Telt stadich doazen):* Ien...., twa...., trije...., fjouwer...., fiif...., seis.., sawn..., acht. It bigjin is der wer. *(Stoarret mei stúdzje nei doazen.)* Acht doazen.... En noch acht jier.... *(Wachtet; reaget dan doazen ien foar ien fluch fan steapel ôf alle kanten út.)* Sawn, seis, fiif, fjouwer, trije, twa, ien..., nul...! *(Laket hol en bitter.)* Ha, ha! Sa hurd moasten de jierren ek ôftelle.... *(Stoarret wer foar him út; giet stiif oerein; rint de sel op en del; bliuwt foar kalinder stean; skuort stadich it blêd mei sifer 30 der ôf, hwertroch sifer 31 sichtber wurdt; bisjocht kalinder.)* Ien-en-tritich Desimber 1899.... Hjoed foar fjouwer jier.... *(Bisjocht efkes ôfskuorde blêd yn syn hân, skuort it stikken en smyt snipels yn latrinetûne; rint dan nei ljocht ûnder traeljefinster; stoarret omheech.)* De sinne skynt, leau 'k.... Se komme fêst.... *(Giet nei bank werom; bitinkt him efkes.)* Earst Marten even moarnsizze. *(Sleept bank nei rjochtersydmuorre; stompt útein bank mei hurde bouns trije kear op flier; harket efkes yn spanning; fierôf klinke trije gelikense bounzen werom; sunich yn himsels):* Bigrepen.... Moarn, Marten! *(Sleept bank*

nei loftersydmuorre; dêr herhellet him itselde; sunich yn himsels): Ek bigrepen.... Moarn, Keimpe....! *(Sleept bank wer to plak; giet sitten to doazeplakken; suchtet.)* Ja..! *(By doar klinkt gewach fan izeren skoattels; sjocht op yn spanning; lûk yn doar giet iepen.)*

2e TOANIEL.

(Wybren; sipier.)

Sipier

(wurdt sichtber efter traeljewurk yn doar): Wybren Hogerhús....?!

Wybren

(rint op doar ta): Ja, sipier? Bin se der al? *(Bitinkt him.)* O just. *(Giet nei nis yn muorre, kriget itensblik; hâldt panne foar traeljes; nimt stik roggenbrea oan dat him troch traeljes tastutsen wurdt; leit dat op panne.)* Hwat waer is 't hjoed, sipier?

Sipier:

Moai sinneskyn waer. Gjin sniebuijen mear.

Wybren:

O gelokkich. Oars is 't in hele reis fan Bitgum ôf. *(Giet nei bank; set itenspanne del; kriget krûk en jit mok fol wetter; giet op bank sitten; bigjint to iten en to drinken.)* Sipier?

Sipier

(troch doar): Ja?

Wybren:

Kinst it hjoed in bytsje skikke mei de tiid, sipier? In moanne is lang. En tsien minuten is sa gau om.

Sipier:

Oars wol, ju.... Dan soe 'k sizze, wij meitsje der wer tolf minuten fan, lyk as de lêste kear. Mar hjoed? Wij ha aparte ynstruksjes. 't Sil wol min gean, Hogerhús jong!

Wybren:

Aparte ynstruksjes?

Sipier

(sjocht efkes hoeden fan siden, geheimsinnich): Ja, de greate baes komt hjoed troch de sellen. De nije regint, witste? En dy is net mak, sizze se. *(Wiist troch traeljes de sel yn.)* Doch

mij in deugd, Hogerhús, en set dy doazen hwat kreazer op in steapel.

Wybren

(steapelet doazen wer op): Sa?

Sipier:

Sa is 't goed, ja. *(Laket.)* Makkestóú ek noch in goeije beurt bij mynhear de baron....! *(Sil klep wer slute.)*

Wybren:

Sipier?

Sipier:

Ja?

Wybren

(wiist nei rjochts en lofts): Witte Marten en Keimpe dat ús Mem en myn suster aensten komme?

Sipier:

Ja, dat witte se. Allebeide. *(Slút klep heal en heal; efter skermen klinkt in bel.)*

Wybren:

Sipier?

Sipier:

Ja?

Wybren:

Witstou wol, dat der moarn in nije ieu bigjint? *(Wiist nei kalinder.)*

Sipier

(klep wer iepen): In nije.... ieu? In nij jier, bidoelste.

Wybren:

Ja, mar ek in nije ieu. Moarn skriuwe wij njoggentjin-hûndert.

Sipier:

Hast fordeald gelyk. Snoad bitocht, Hogerhús, lang n't min. Mar ik moat fierderop, jong! *(Slút klep; gewach fan izeren skoattels.)*

Wybren:

(springt op en rint nei doar): Sipier....! *(Kloppet op doar.)* Sipie-ier! *(Rint sel op en del; giet wer op bank sitten; makket iten en drinken dien; set panne en mok wer yn nis;*

bigjint wer to doazeplakken; sunich yn himsels): Mem en Klas.... De nije regint.... *(Laket.)* Drokke dei hjoed.... *(Giet wer oerein, sleept bank nei rjochtermuorre; jowt oar klopsignael as niis; harket yn spanning; út fierte klinkt gelikens signael werom; sunich yn himsels):* Se komme.... Goed bigrepen, Marten.... *(Itselde herhellet him by loftermuorre.)* Se komme.... Goed bigrepen, Keimpe.... *(Set bank wer to plak; giet wer oan syn wurk.)* Drokke dei hjoed.... *(By doar gewach fan skoattels; Wybren giet yn spanning oerein; doar giet iepen.)*

3e TOANIEL.

(Wybren; frou Hogerhuis; Klaske; sipier.)

Sipier

(komt op mei great bosk kaeijen; efter him frou Hogerhuis en Klaske; slút letter sel wer en bliuwt by doar stean.) Dêr wienen se al, Hogerhús!

Frou Hogerhuis

(sjocht der âldsk en soarchlik út): Wybren. *(Hja fûstkje.)*

Wybren:

Mem.

Klaske:

Wybren.

Wybren

(sabeare luftich): Goeije, Klas.

Frou Hogerhuis

(nimt syn hân tusken harres): Hoe is 't mei dij, jonge....

Wybren:

Goed, goed.... *(Wiist nei doazen.)* Drok oan 't wurk. Ik kom nou al op in botsen deis. Eh.... wienen der gjin sniebanken op 'e dyk ûnderweis?

Frou Hogerhuis:

Né. Hoe giet it nou mei 't sliepen?

Wybren:

Goed. Hwat better tominsten as de oare kear. Eh.... moarn krij 'k in nij stik húsrie.

Klaske

(sjocht om har hinne): Nij stik húsrie?

Wybren

(wiist laitsjend nei kalinder): Ja, dy giet fuort. Der komt moarn in nijen-ien. Dat wurdt dan myn fyfte....

Frou Hogerhuis

(muoilik): Och jonge.... Ja, hjoed fjouwer jier forlyn... Ik sjoch jim noch de doar út gean.... As slachtfé.... O, 't is gjin nacht bij my wei.... *(Bynt har yn; bitinkt har; tsjin Klaske):* Toe, hwat soe 'k nou hast ek wer sizze, Klas.... Der wienen trije dingen.... Toe....

Klaske:

Fan dy man.

Frou Hogerhuis:

O ja, Wybren. Der hat wer in mynhear út Amsterdam bij ús west. Dy woe in greate biweging op tou sette, om graesje foar jimme....

Wybren

(fûl): In graesjeforsiik bij de Kroan? En hwat hat mem sein?

Frou Hogerhuis:

Ik ha him dit sein. Skuldigen dêr freget men graesje foar. Mar foar ûnskuldigen net. Foar ûnskuldigen freget men rjocht! Dat ha 'k 'm sein, Wybren. Hij hat praet as in advokaet, mar dêr is er mei fuort gongen.

Wybren:

Yn oarder, mem. Sa moast it. Gjin gebiddel om graesje foar ús! Rjocht.... neat as rjocht.... Mar it rjocht giet yn ús lân krom op 'e strjitten.... Ja, ik ha se yn 'e holle, mem, dy datums.... As de jiertallen út it skoalboekje.... *(Telt op fingers):* 3 Juny 1896: De Arrondissemints-Rjochtbank to Ljouwert forklearret de Hogerhuzen skuldich en easket tsjin harren *(wiist op himsels)* tolve, *(wiist nei rjochts en lofts)* alve en seis jier tichthússtraf.... 5 Augustus 1896: It Gerjochtshôf to Ljouwert forklearret de Hogerhuzen skuldich en wiist fonnis konform de eask.... 7 Oktober 1896: De Hege Ried yn Den Haech forklearret de Hogerhuzen skuldich en bifestiget it fonnis. En doe de greate protestmeetings... En doe de aksjes fan it Komité... En doe de jildynsamling foar in oare advokaet.... En doe de biweging fan Troelstra-en-dy yn 'e Twadde Keamer.... Doe 'k in jonge wie mocht ik altyd graech jiertallen leare, dat

wit Klas noch wol. Mar ik hie noait tocht, mem, dat jiertallen sa'n bittere bijsmaek ha kinne.... Alles forgees....! Stomproun bij alle ynstânsjes....! *(Rint sel op en del; forheftich):* Mar graesje....? Noait....! Noait....!! Dan leaver tolve jier dizze fjouwer muorren.... Och, hwat hat it jown allegearre....? Ja, opskuor yn it hele lân en dêrbûten.... In rop om rjocht bij tûzenen.... bij tsientûzenen.... *(Wiist.)* Mar it hat dizze doar net iepen makke.... It hat de wiere skuldigen nei Amearika ta jage. Bûten skot... En dêrre meije se nou har skuldbikentenissen skriuwe....! Mar de Justysje berget se op yn har dossiers....! Perkamint tusken perkaminten.... Lyk as dy rjochters sèls.... per-ka-mint....! Se wòlle har fouten net wêze.... Se wòlle ûnfeilber lykje bij it folk....! *(Bitter):* Opdat het vertrouwen des volks in de Justitie niet geschokt worde....

Sipier:

It is dêrmei tiid.

Wybren

(bliuwt stean; komt ta himsels): Och, hwat bipraet ik ek allegear. Klas fanke, hoe is 't mei de lytse jonge?

Klaske:

De „lytse jonge". Hij wurdt njonkelytsen in greate jonge, Wybren. Hij komt skielk fan skoalle ôf en dan sil er....

Frou Hogerhuis:

Even geduld, Klas. Hwat wie nou dat twadde ek al wer, dat wij sizze soenen....? Frjemd, nou kin 'k it suver net bitinke....

Klaske:

O ja, Wybren. Der is yn Bitgum wèr in brief kommen út Amearika fan Paulus van Dyk-en-dy. Dêr stiet dúdlik yn, dat hij it dien hat.... Mei Allard Dykstra en Sybout Alberda....

Wybren:

Ald nijs, Klas fanke, âld nijs.... It komt to let.... To let.... Lit harren dêr yn Amearika mar ophâlde mei har briefskriuwerij, Paulus van Dyk en dy beide oaren.... Pleaget it har hjir fan binnen sa? Dat hienen se earder bitinke moatten.... *(Finger omheech):* Lit harren mar nei in Oar Adres gean en dêr skuld bikenne.... Mar brieven.... net mear.... Perkamint tusken perkaminten....!

Frou Hogerhuis:

Ja jonge, dou hast gelyk.... *(Sjocht efkes om nei sipier, dy't mei kaeijen rattelet.)* En dan hiestóú noch hwat, Klas.

Sipier:

It is tiid.

Klaske

(heal lûd): O ja, Wybren, moast ris hearre.... *(Sjocht skruten òm nei sipier dy't seldoar wer iepen makket.)*

Wybren:

Dou kinst hjir rêstich lûdop prate, Klas. *(Wiist nei sipier, dy't harren efkes rêch takeart.)* Dàt 's wol fortroud.

Klaske

(lûdop): Moast ris hearre, Wybren. De arbeiderssjongforiening fan Bitgum is ûnderweis nei Ljouwert ta. Dy wol jimme hjoed in sanghulde bringe.... Bûten foar de gefangenis....!

Wybren:

In sanghulde....! Hjoed....? *(Laket bitter.)* O, eh.... op ús.... op ús.... fjouwerjierrich jubileum....!

Frou Hogerhuis:

Och jonge....

Klaske

(hastich; heal lûd): Mar 't moat foaral stil bliuwe, hear! Gjinien mei 't witte....!

Wybren

(sabeare grappich): Ik sil 't wier net oer de stêd bringe.

Klaske

(byt har op de lippe): Hè, né, hoe kin 'k nou ek sa sleau...

Sipier

(hat doar iepen dien; rattelet mei kaeijen): It is de heechste tiid.

Wybren:

Ja, mem-en-dy moatte fuort. Oars komme Marten en Keimpe oan krapperein.... *(Jowt frou Hogerhuis in hân.)* Mem. Oant de oare moanne mar wer.

Frou Hogerhuis

(nimt syn hân tusken harres; mei triljend lûd): Wybren... En mar moedich wêze, jonge.... W ij rêdde ús wol....

Wybren

(him mei geweld bitwingend): Ja, mem.

Klaske

(jowt Wybren hân): Wybren, silst goed om 't sjongen tinke?

Wybren:

Klas. Dochst de groetenis oan de lytse jonge?

Klaske:

Ja Wybren.... *(Sil ôf; draeit har by seldoar om):* Witst hwat er skielk sil, de „lytse jonge"? Hij wol bij 't fervjen...!

Wybren

(stoarret stiif nei frou Hogerhuis en Klaske): Dat is moai.... Dat 's mar moai.... *(Frou Hogerhuis en Klaske ôf; sipier ek ôf; slút de doar; gewach fan skoattels; hy stoarret in skoft nei doar; bigjint op en del to rinnen; sunich yn himsels):* Mar moedich wêze.... *(Suchtet.)* Mar moedich wêze.... *(Falt del op bank; lit holle en hannen hingje; kriget stik karton op; bigjint der yn tinzen wei mei om to tyspeljen; leit it wer del; rint sel wer op en del; sjocht nei boppen yn ljocht fan traeljefinster; bliuwt foar kalinder stean; kriget blêd mei sifer 31 beet, sil it der ôf skuorre):* Mar moedich wêze.... Dizze ieu.... foarbij.... Foar altyd foarbij.... *(Bitinkt him; lit blêd wer los):* Hast foarbij.... In nije tiid.... *(Sjocht nei traeljefinster; sjocht nei groun):* In nije tiid.... *(Holle omheech; deklamearret):*

„En dou, o selssucht, beestich kwea
Fan d' Ieu, groun fan har maetskippijen
En dêrtroch groun fan al har lijen,
Hij giet tsjin d ij, de reuzestriid
Fan dizze greate, oermoaije tiid....!"

(Stiet yn tinzen wei efkes stil; barst út yn lûd, spoekeftich laitsjen): Ha, ha, ha, ha...!!! Fan... dizze... greate... oermoaije... tiid...! *(Rint op en del; giet wer op bank sitten; gewach fan skoattels; doar giet iepen.)*

4e TOANIEL.

(Wybren; baron Braspenninck; sipier.)

Sipier

(ropt by doar): Wybren Hogerhús....!! Oarder! Mynhear de Regint foar jo. Baron Braspenninck!! *(Lit regint*

earst opkomme; komt dan sels op; lit seldoar yn 't kier stean.)

Braspenninck

(komt op mei lorgnet en sigaer; hat papier yn hân, dat er ynsjocht): Tankje, sipier.... Eh.... sel nûmer 38.... Gefangene nûmer 72. *(Forskout lorgnet.)* Ah. Wybren Hogerhús. Ja, ja, de Dreyfus fan Nederlân....! Justement. Wij hawwe elkoar faker moete, gefangene Hogerhús, hé?

Wybren

(giet stadich oerein; bliuwt stil stean): Koe wol.

Braspenninck

(mei sûrswiet glimke): Ik haw yndertiid noch de lieding hawn fan jou earste ynstruksjeforhoar. Witte jo it noch?

Wybren:

Dat wit ik noch.

Braspenninck:

Ja, dat is ridlik lang forlyn. *(Lêst fan papier en tekenet nou en dan hwat oan.)* Eh.... hoe bifalt it.... eh.... wurk jo hjirsa?

Wybren

(flak): Goed.

Braspenninck

(wiist nei brits): Lizzing yn oarder?

Wybren:

Ja.

Braspenninck:

Klachten oer it iten?

Wybren:

Né.

Braspenninck:

Klachten oer luchtsjen, korrespondinsje of famyljebisiik?

Wybren:

Gjin klachten.

Braspenninck

(stekt papier yn bûse): Justement. Jo kinne it hjir dus noch al.... eh úthâlde, as ik sa hear, hé? Noch al.... eh.... draechlik, tinkt my sa? Ik mei jo fan myn kant wol forklappe, gefangene Hogerhús, ik haw niissajust jou steat fan tsjinst efkes ynsjoen. De direksje is goed oer jo tofreden, leau ik, hé?

Wybren:

Ik ha gjin lêst fan birou, mynhear, dat skeelt.

Braspenninck:

O.... eh.... birou? Hear ik dat goed?

Wybren:

Ja, mynhear, gjin birou. Dat komt allinne foar bij skuldigen.

Braspenninck:

Hm. Ja, sjoch ris.... Oft jo skuldich of ûnskuldich binne, kin en mei ik as Regint fan dizze Bysûndere Strafgefangenis natuerlik net bioardielje. Mar ien ding, freon, haw ik persoanlik foar jo altyd spitich foun.... Jou saek is troch... eh.... lit mij sizze.... ûnforantwurdlike geasten yn it lân opfizele ta in... nou ja, in politike r e l! En al dy tsjustere machinaesjes hawwe jou saek sûnder mis gâns skea dien.

Wybren:

De minsken binne wekker skodde.

Braspenninck

(glimkjend): Wekker skodde.... Soms, Wybren Hogerhús, is it better, en meitsje gjin sliepende hounen wekker, hé? Hawar, dêr sille jo en ik ûngelyk oer tinke. Mar apropos, der is nòch ien ding, dat jou saek bij de Rjochterlike macht net.... eh.... net bifoardere hat. Jo hawwe forsomme, alles to sizzen, hwat jo wisten.

Wybren:

Mar soenen jo dan wolle, dat ik forklearre hwat dien to hawwen, dêr't ik gjin skuld oan ha?

Braspenninck:

Dat is myn sizzen net. *(Hellet oar papier út bûse.)* Sjoch ris. Graech wol ik as Regint fan dizze ynrjochting hwat foar myn gefangenen dwaen, dat bigripe jo wol. *(Jowt Wybren papier oer.)* As jo dit nou ris liezen en fan jou hantekening foarseagen, dan soe ik writen dwaen kinne bij de bifoege ynstânsjes.... It soe in middel wêze kinne jou straftiid to forminderjen.

Wybren

(giet nei traeljefinster en lêst): Dit tekenje, mynhear? Dat komt ommers del op in folsleine bikentenis fan skuld!

Braspenninck:

It is sa't men it biskôget. It is yn jou eigen bilang. Ik wol as Regint myn bêst foar jo dwaen.

Wybren

(jowt biret papier werom): Fan myn libben net, mynhear. Dan soe 'k tsjin mijsels stean. Witte jo, hwa't fjouwer jier lyn sa'n papier tekenje moatten hie? Paulus van Dyk!

Braspenninck

(neitinkend): Paulus.... van.... Dyk....!? Ja, dy namme mei mij noch tinke. Dy freon fan jo.

Wybren:

Hij is myn freon net. Hij is in freon fan de leagen. *(Wiist nei papier.)* Mar soks, mynhear, noait....! Jo kinne bij de Rjochtbank better de brieven opfreegje út Amearika. Dêr stiet yn hwa't it dien hat.... Dêr stiet yn dat w ij ûnskuldich sitte!

Braspenninck

(sjocht op horloazje): Ja, sjoch ris, freon. Forklearringen fan minsken dy't net mear ûnder de Nederlânske wet steane, kin de Justysje net op yn gean. Dus, Wybren Hogerhús, jo wize myn tsjinsten fan 'e hân?

Wybren:

Ik wiis de leagen fan 'e hân....!

Braspenninck

(yn himsels): Unbigryplik.... Nei fjouwer jier....

Wybren

(aloan mear mei fjûr): Al wie 't tweintich jier, dan nòch! Of hûndert jier, dan nòch....! *(Wiist nei kalinder.)* Hûndert jier.... Noch in mannich ûren, baron Braspenninck, dan bigjint der in nije hûndert jier.... In nije ieu.... En dy ieu sil ús bringe, hwat de foarige ús ûntkeard hat.... Frijheit.... wierheit.... gerjochtichheit....!!!

Braspenninck

(sjocht wer op horloazje): Sipier, folgjende sel. *(Sipier docht doar op; Braspenninck en sipier geane ôf; gewach fan skoattels.)*

5e TOANIEL.

(Wybren.)

(Bliuwt efkes stean; stoarret nei doar; fljocht op doar ta; bounzet dêr mei beide fûsten op): Sipier...!! Sipie-ier...!!! *(Harket efkes yn spanning.)* Mem....!! Klas....!!!

(Harket wer; lit holle sakje; keart him mei oprôlle fûsten om; sjocht wyld en hymjend om him hinne; skopt steapel doazen mei geweld omfier; sjocht wer om him hinne; sjocht kalinder; giet der hinne, skuort lêste blêd der razend ôf; lûkt dan hiele kalinder fan muorre; keilt him yn hoeke.) Fuort....!! Fuort....!!! *(Rint op en del; bisint him nei in skoft; sjocht kalinderblêd yn syn hân; bisjocht it lêzen der op; rint hwat mear nei it ljocht; wurdt stadichoan kalmer; rint nei bank; giet sitten; lêst stil foar himsels; dêrnei lûdop mei blêd nei ljocht keard):*

„Der wie yn in stêd in rjochter, dy't God net freze en gjin minske ûntseach.
En dêr wie yn dyselde stêd in widdou, dy't al mar weroan by him kaem en sei: Doch my rjocht tsjin myn wjerstanner.
En in hiele tiid woed er net, mar op it lêst sei er by himsels: Alhoewol ik God net freezje en gjin minske ûntsjoch, sil ik dochs dy widdou rjocht dwaen, om't hja my sa'n oerlêst oandocht, dat hja einlings net komt en my oanfljocht.
En de Hear sei: Hark, hwat de ûnrjochtfeardige rjochter seit!
Soe God dan gjin rjocht dwaen syn útkarden, dy't by nacht en by dei oan Him roppe, en dêr't er lankmoedich oer is?
Ik siz jimme: Hy sil harren mei koarten rjocht dwaen."

(Swijt in set, stoarret foar him út; efter skermen bigjint, earst sunich en fierôf, in koar to sjongen it earste kouplet fan „Morgenrood" fan Troelstra/De Nobel; Wybren giet stadich oerein; rint mei wiidiepen eagen nei ljocht ûnder tracljefinster.) Dêr bin se....! Dêr bin se....! *(Ljocht troch finster wurdt stadich sterker; it sjongen wurdt aloan lûder; Wybren sjocht omheech nei it ljocht; syn gesicht kriget in forhearlike, blide glâns; hij stekt bij lêste rigel de hannen smeekjend omheech.)*

D O E K
(falt stadich.)

EIN FAN IT FJIRDE EN LESTE BIDRIUW.